
DE VRIJE FRIES

JAARBOEK UITGEGEVEN DOOR HET
FRIES GENOOTSCHAP VAN
GESCHIED-, OUDHEID- EN
TAALKUNDE
EN DE FRYSKE AKADEMY

REDACTIE: MR. J. VIERSEN (voorz.), J. J. KALMA (secr.),
DR. G. BAKKER, DRS. C. BOSCHMA, H. KINGMANS,
JHR. DRS. M. J. VAN LENNEP, K. SIKKEMA,
DRS. R. STEENSMA, DR. K. DE VRIES

VIJFTIGSTE DEEL - 1970

N.V. DE HANDELSDRUKKERIJ VAN 1874, LEEUWARDEN



Wij herdenken dit jaar de in 1945 herwonnen vrijheid. Vandaar dat in de eerste beide artikelen van ons Jaarboek aandacht wordt besteed aan de Friese vrijheid, haar vreugden en haar lasten. In het opstel van drs. S. Sybrandy kreeg Erasmus, die onlangs werd herdacht, aandacht. Het vierde artikel richt het zoeklicht op het stadje in het Noorden, dat steeds blijft boeien. J. J. Kalma wijst op enkele zaken, die bij kerkelijke processen licht worden vergeten.

Het overzicht van de Leeuwarder uurwerkmakers is de museumbijdrage van dit jaar. 1970 is ook een jaar van een gouverneurswisseling. In het artikel van drs. J. Visser wordt een tot nog toe onbrekend volledig overzicht geboden van allen, die aan ons gewest mee leiding hebben gegeven of dit enkel maar hebben gepoogd. De 'meester-sneuper' S. J. van der Molen geeft vele curieuse bijzonderheden over Amelander binnenhuisjes. Drs. R. Steensma vertelt deze keer van het interieur van de kerk van Rauwerd.

Het 'Panorama van Friesland in 1969' is een poging om een overzicht te bieden van wat er in 1969 speciaal op de terreinen, die onze lezers het meest interesseren, is gebeurd. Het zal duidelijk zijn, dat deze nieuwe kroniek, die wij voortaan elk jaar willen geven, velen een handreiking kan bieden. Wij willen de lezers graag opwekken, om ons suggesties te doen. Voor toezending van geschriften houdt de redactie zich aanbevelen.

K.



Nr. 368

„Frij en Frysk”: in midsieusk biedwurd

K. DE VRIES

„Frysk en Frij”: dat wie de namme fan in „nijsblêd foar it Fryske folk”, dat stifte is yn 1945 en opdoekt yn 1966. Dat dizze namme keazen waard, hinget sûnder mis gear mei de bifrijing fan Fryslân yn april 1945, in moanne foar it forskinen fan it earste nûmer (25 maeije).

Al yn it seendrjocht, ien fan de âldste Fryske rjochtsboarnen — it datearret, alteast foar in part, út de tsiende ieu — wurdt fan de deken sein, dat hy „fri ende freesch” wêze moat. Nijsgjirrich is, dat net it „Frysk”, mar it „Frij” foarop stiet. Dat is de hiele midsieuwen troch sa bleaun. Yn in brief d.d. 7 septimber 1491 fan it stedsbistjûr fan Snits stiet, dat it der om giet, „frij ende freeske toe beschirmen”. Dat letter de folchoarder omkeard is, moat faeks taskreaun wurde oan de ynfloed fan it nasionale gefoel, dat yn 'e midsieuwen noch net oanwêzich is, yn elts gefal gjin acte de présence jowt.

Ut dit lêste mei net ôflaet wurde, dat it midsieuske „Frij en Frysk” allinne in saek fan de holle, net fan it hert wie. It niisneamde Snitser brief sprekt fan „wse friye freeska frydom, deer ws allen is bifellen toe halden lick ws Cristena lauwa”! It biedwurd hat dus in religieus aspekt. Soks docht jin gjin nij: der wie yn 'e midsieuwen net folle, dat bûten it leauwe omgyng.

Hwat bidoelde in midsieuske Fries, as er him „frij” neamde? Om dizze fraech to bianderjen, moatte wy begjinne mei in skôging fan de posysje fan Fryslân yn it midsieuske West-Europa (Nederlân bistie doe noch net!).

Yn dat West-Europa gou de regel „gjin lân sûnder hear”. De groun wie net yn boere- mar yn hearehân. De aedlike grounbisitters sloegen bihalven yn ekonomysk ek yn juridysk opsicht foar master op; hja wienen lânhearre en hofrjochter. De boeren wienen hearich; neffens it hofrjocht sieten hja fêst oan de groun.

Dit saneamde lienstelsel is yn de njoggende ieu fan it suden út ta de lege lannen by de Noardsé trochkrongen. It is lykwols net fierder kommen as de line Stienwyk—Grins—Leer—Oldenburg. Yn de sawn Fryske sêlannen (de sawn pompeblêdden fan de hjoeddeiske Fryske flagge!) is de groun yn it bisit fan frije boeren bleaun, dêrfandinne it biedwurd „Frij en Frysk”.

Hjir komt noch hwat by. It lienstelsel hie nammentlik bihalven in sosiael ek in polityk aspekt. Sûnt Karel de Greate, om 800 hinne dus, waerden biskate greatgrounbisitters biliend mei oerheitsmacht; de greven, foarhinne amtners, wienen tonei lienmannen. Ek Fryslân hat sokke greven kend; yn de alfte ieu leinen hjir de greefskippen Starum, Westergoa en Eastergoa. Om-ende-by 1100 is it greeflik gesach lykwols op 'e non roun. Sûnt de tolfte ieu is der yn Fryslân alhielendal gjin lienstelsel mear; it biedwurd

„Frij en Frysk” hat fuortoan net allinne in sosiale mar ek in politike ynhâld.

De posysje fan Fryslân yn it midsieuske West-Europa kin unyk neamd wurde. Hoe is dit forskynsel to forklearjen? De midsieuske Friezen hawwe Karel de Greate as har bifrijer biskôge. Hja hienen sûnt de trettjinde ieu sels in skriftlik biwiis ta har foldwaen: it Karelsprivileezje. Dat dit stik in falsifikaesje is, hat de Flaemske dichter Jacob van Maerlant (forstoarn ca. 1300) al konstatearre yn syn „Spiegel Historiae”:

Nu, ghi Vriesen, laet u genoeghen,
Leert u onder die heren voeghen!
U privilegie es spot ende sceren,
Voer alle princen, vor allen heren.
Ic wane ghire in sijt verdullet:
Soe was met botren ghebullet,
Soene conste ghene zonne gedogen,
Anders had dise moghen toghen.

It Karelsprivileezje is basearre op 'e Magnussêge. Neffens de „Magnuskeren”, in âldfryske tekst út 'e âlftste ieu, hawwe Friezen Karel de Greate holpen, doe't dy yn it jier 800 Paus Leo III, dy't út Rome fordreaun wie, yn 'e ivige stêd werombrocht.

„Alle tha jefta thet thi koning bad, tha wit sprec Magnus (de lieder fan de Friezen) and kas en other hale bettera, ande alle Fresan an Magnus kere jen (wienen it mei Magnus iens). And kas that Fresan fri heran were, thi berna and thi onberna also lange so thi wind fan tha olcnum (wolken) we, and thiro wrald stode...”

De Magnussêge hat omraek yndruk makke, alteast op 'e Friezen! Soks docht û.m. bliken út it „sigillum consulum in Franekere”, dat oan in oarkonde út 1313 hinget. Mei „Franekere” wurdt net de tsjinwurdige stêd Frjentsjer bidoeld, mar it noardlike part fan Westergoa: it distrikt Froneckere, dat yn 'e fjirtjinde ieu splist is yn fiif gritenijen: Barradiel, Frjentsjeradiel, Menameradiel, Baerderadiel en Hinnaerderadiel; de „consules” foarmen it distriktsbistjûr. Hawar, op it niisneamde segel sjogge wy rjochts Karel de Greate sitten en lofts twa Friezen stean, dy't dwaende binne om to knibbeljen. Op 'e rânne stiet: „Rex Karolus Frisones liberos facit” (Kening Karel makket de Friezen frij).

Sêgen hawwe gauris in histoaryske kearn. M. P. van Buijtenen hat yn syn boek „De grondslag van de Friese vrijheid” (1953) bisocht om de Magnussêge to pûljen. Neffens him hawwe Friezen Leo IV yn 846 holpen by de fordigening fan Rome tsjin de Saracenen en hat Fryslân oan dizze Paus syn frijdom to tankjen. Op oanstean fan Leo IV soe keizer Lotharius de Friezen frijwarre hawwe fan it lientselsel. Letter soe der yn 'e oerlevering bitizing ûntstien wêze: Lotharius waard Karel de Greate en Leo IV waard Leo III.

B. H. Slicher van Bath hat der yn syn lêzing „Problemen rond de Friese middeleeuwse geschiedenis” (1947), dy't opnommen is yn 'e bondel „Her-



schreven Historie” (1949) en ek yn syn bydrage ta de „Geschiedenis van Friesland” (1968) — haedstik VII: „Middeleeuwse welvaart” — op wiisd, dat de midsieuske Fryske frijheit gearhinget mei de ekonomyske situaesje. It lienstelsel is ûntstien yn in tiid, doe’t de jildhúshâlding hwat langer hwat mear forfongen waerd troch in produktehúshâlding. Greatgroun-bisitters makken dêr gebrûk fan om de lytse boeren ôfhinklik to meitsjen. Yn Fryslân slagge soks lykwols net. De Friezen wienen nammentlik bihalven boeren ek skippers; hja hienen hannelsrelaesjes mei û.m. Ingelân en Skandinavië. Yn in Ingelske boarne fan ca. 700 wurdt de Noardsé sels „mare Frenessicum” neamd! It jild bleau hjir dus rôljen en it lienstelsel krige gjin kâns: de Fryske boeren hienen sa’n sterke ekonomyske posysje, dat hja de groun yn eigen hân hâlde koenen.

Nijsgjirrich is ek de fisjy op it midsieuske biedwurd „Frij en Frysk” fan

N. E. Algra, skriuwer fan de dissertaasje „Ein. Enkele rechtshistorische aspecten van de grondeigendom in Westerlauwers Friesland” (1966). Neffens him wienen de Friezen sûnt de forovering fan Fryslân troch de Franken yn 'e achtste ieu net frij mear yn absolute sin; hja wienen „mannen” fan de Frankyske kening, „quasi-vazallen”. Fierders is Algra fan bitinken, dat der ûnderskie makke wurde moat tusken de Fryske frijheit en de frijheit fan de Fries.

„De Friese vrijheid lag op het politieke vlak; zij berustte op een privilege, dat — naar werd beweerd — door Karel de Grote aan de Friezen (als volk) zou zijn verleend... De vrijheid van de (afzonderlijke) Fries daarentegen is een persoonlijke kwaliteit, een status van de enkeling. Deze vrijheid berust niet op een privilege, maar op geboorte... Zij is zeer wel verenigbaar met landsheerlijk gezag over Friesland...” (s. 100/101).

Ik kin it hjir net mei iens wêze. Ik leau net, dat de ûnderwerping troch de Franken sa'n greate ynfloed op 'e rjochtsposysje fan de Friezen hawn hat. De Karolingers hienen al yn 'e twadde helte fan de njoggende ieu feitlik neat mear oer Fryslân to sizzen. As der in „fideliteitsrelatie” tusken de Friezen en de Frankyske keningen bistien hat, dan tige koart! En hwat it ûnderskie tusken de „Friese vrijheid” en de „vrijheid van de (afzonderlijke) Fries” oanbilanget: de midsieuske Friezen hawwe sels grif forbân sjoen tusken it politike en it sosiale aspekt fan it biedwurd „Frij en Frysk”. Dêr wie ek reden foar: nei de ûnderwerping fan West-Fryslân troch Floris V yn 1289 hawwe de Hollânske greven bisocht om dêr it lientselsel yn to fieren. De oanfal fan Willem IV op 26 septimber 1345 is yn Fryslân sûnder mis biskôge as in bidriging, net allinne fan de politike mar ek fan de persoanlike frijheit. Soks forklearet faeks de fûleindigens, dy't op it Reaklif ta utering kaem.

P. Geyl hat in boekje skreaun oer „Gebruik en misbruik der geschiedenis” (1956). Ek fan it midsieuske biedwurd „Frij en Frysk” is mear as ienris misbrûk makke, bygelyks troch Karel fan Gelre, dy't om 1515 hinne bisocht om de Friezen efter (en ûnder) him to krijen mei it rymke:

Vry Vriesck

Zonder schatting ende excys.

Doe't it bistjûr fan it „Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde” yn 1837 oan syn tydskrift de namme „De Vrije Fries” joech, hat de romantyk net swak byspile: idéalisearring fan it forline, binammen fan de midsieuwen. Dochs is dizze namme yn 1970 noch folslein akseptabel. It is wier: „Frij en Frysk” hat gjin politike en sosiale bitsjutting mear. De Friezen binne yn 'e rin fan de lêste fjouwer iuwen Nederlanners wurden. Mar hja wolle harsels bliuwe; hja litte har tael net farre en forjitte har skiednis net.

It Frysk-eigene wurdt bidrige troch it „Hollânisme”; it Hollânsk is „algemeen beschaafd” en de „vaderlandse geschiedenis” likernôch alhiel histoarje fan Hollân. It midsieuske biedwurd „Frij en Frysk” is yn kulturrele sin noch altyd aktueel.

Vrijheidsbomen in Friesland

J. J. KALMA

Er is alle reden, om nu in 1970, terwijl de bevrijding in 1945 wordt herdacht, eerder aan 1813 en '15 te denken dan aan 1795. Het verschil tussen 1795 en 1945 is duidelijk. Toen werden wij bevrijd van een eigen regering, die niet veel vertrouwen meer genoot en nog meer geminacht werd dan gehaat. In 1945 werd het vaderland echter bevrijd van vreemde overheersers, die wij al lang meer hadden leren haten dan minachten. In 1795 werden wij bezet gebied, in 1945 kwam eindelijk een eind aan een afschuwelijke bezetting.

Er is meer verschil te noemen. Dat neemt echter niet weg, dat er ook overeenstemming is tussen de beide genoemde jaren. In 1795 evenals in 1945 werden wij bevrijd door vreemde legers, die een nieuwe vrijheid brachten. Wat heeft men in 1795 en in 1945 verwacht? Het is duidelijk, dat zowel in 1795 als in 1945 velen zich aan illusies hebben overgegeven. Na verloop van niet eens heel lange tijd werd toen gelijk nu ironisch over de nieuwe situatie gesproken. Toen, in 1795 „een losgebroken dolhuis” (E. Verwijs), de dans om de vrijheidsboom en straks jonge Fransjes, in 1945 eveneens danswoede en niet minder talrijke Canadeesjes. Toen de vrijheid van godsdienst, maar ook de vrijheid om het zonder godsdienst te doen en overal klachten over het zedenverval en na 1945 een nieuwe vrede, waarbij bleek, dat de verliezer althans op één front gewonnen had. Schreef Hermann Rauschning destijds (1938) niet zijn „Revolution des Nihilismus” en kregen wij na 1945 niet op haast alle terreinen (politiek, godsdienstig, moreel, enz.) het nihilisme? Toen in 1795 een „bedaarde” revolutie, die werd „daargesteld” of, nog mooier, „geëffectueerd” door voor het merendeel oude mensen, in 1945 eveneens meer herstel dan vernieuwing.

Er is meer overeenkomstigs te noemen en er is werkelijk reden genoeg, om nu in 1970 niet enkel 1813 of '15 te herdenken, maar ons oog ook te richten op die andere bevrijding in 1795. Toen kwamen we onder Frankrijk, nu zitten we in vrijheid onder Amerika. Het ging destijds evenzeer om vrijheid en de symbolen van de vrijheid verzezen overal. Wie de „Leeuwarder Courant” van die dagen opslaat, een krant, die al evenzeer als de tegenwoordige uit was op „hot news”, ziet een tijdlang dagelijks het bericht van de omzetting van weer een regering en van de obligate danspartij, waarin de vreugde zich uitte. Hoe rustig onze voorouders ook waren, zij deden het in 1795 in zekere zin zelfs royaler dan wij in 1945 en dat ondanks het feit, dat de bevrijding toen in de winter kwam. Want wij in april, mei 1945 staken enkel de nationale vlag uit

en zij plantten destijds vrijheidsbomen met nationale linten versierd.

Er is vaak gezegd, dat die vrijheidsbomen van Franse makelij waren. Inderdaad is het waar, dat men in Frankrijk tijdens de strijd met Oostenrijk, in 1792, begonnen is massaal deze bomen te planten en met een rode Jacobijnenmuts, een „bonnet de la liberté”, te versieren. Het duurde maar even of de boom was symbool van de politieke vrijheid. Het staat ook wel vast, dat door de Fransen het gebruik in heel West-Europa algemeen is geworden, zelfs zo zeer, dat hij ook gebruikt werd, om inkwartiering door de Fransen te voorkomen!

Toch moeten we voorzichtig zijn en niet te vlug konkluderen, dat het dus een Franse boom is. Waar kregen de Fransen de boom vandaan? Er is op gewezen, dat reeds op 14 aug. 1765 in Amerika te Boston een „tree of liberty” geplant werd, waaraan poppen werden opgehangen van gehate personen. Men heeft aangenomen, dat Benjamin Franklin, die in dec. 1776 als gezant in Frankrijk kwam en daar zeer werd geëerd, deze boom in Frankrijk bekend heeft gemaakt. Zoals het heil nu, althans voor een deel, uit „Gods own country” heet te komen, zo zou het dus ook toen zijn geweest.

Nu is er inderdaad overeenkomst tussen de Amerikaanse en de Franse boom, maar er is ook verschil. In Amerika spreekt de boom vooral van de onafhankelijkheid, waarop men hoopte, in Frankrijk meer van de rechten van mens en burger, die men had verkregen. Beide bomen gaan echter terug op een oud gebruik, dat niet speciaal Amerikaans of Frans is, maar overal voorkomt. De vrijheidsmuts vinden wij al in het oude Rome, waar de vrijgelaten slaaf de „pileus” mocht dragen ¹. De boom herinnert aan de Meiboom, symbool van het herrijzend leven en aan de dorpslinde, waaronder recht wordt gesproken. Er komen levens- en lotsbomen voor. Wij hebben nog steeds onze grafbomen. Zoals er nu in het nieuwe Israël herinneringsbomen geplant worden, zo heeft men het de eeuwen door gedaan. Onze patriotten dansten om de vrijheidsboom en het scheen een nieuw bedrijf, maar het was „vieux jeu”. De hoed was reeds in de Middeleeuwen evenals het vaandel een veldteken. Wie hem opstak riep het volk ter heirvaart of ten gerichte. „De hoed opsteken” d.i. het volk tezamen roepen.

Wij zien op sommige plaatsen, in Duitsland b.v., dat de eeuwenoude dorpslinde ook als vrijheidsboom is gebezigd en dan opnieuw verzamelplaats en feestoord wordt. Wij hebben nog steeds de boom, die op het dak geplaatst wordt, als dit dak onder de balken is. Het „balkebie” wordt misschien niet meer geschonken, aan de genius van de groei wordt al evenmin gedacht, maar het gebruik is eeuwenoud en nog steeds algemeen.

Zo zijn er meer dingen, die er op wijzen, dat de Amerikaanse, de Franse en ook de Nederlandse boom een geschiedenis heeft. Zoals in Frankrijk werd ook in de Republiek de vrijheidsboom met grote eerbied omringd. Er was verering voor het symbool van de vrijheid. Wij deden

hier alles bedaarder dan elders. Bedaardheid is ook een typisch Nederlands begrip, dat in andere talen niet voorkomt. Zo horen we niet, dat de boomschenners hier met „revolutionaire scheermes” hebben kennis gemaakt. Dat neemt niet weg, dat de jongelui, die het in 1795 en '96 waagden, om de boom om te gooien, zich haastig uit de voeten moesten maken. Ook onze huiver voor het symbool is eeuwenoud. De belediging van de vlag zowel als van de boom werd diep gevoeld en zwaar gestraft ².

Dit jaar wordt de Schotanus-Halma-atlas van 1718 opnieuw uitgegeven. Wie de kaart met het Friese wapen voorin bekijkt ziet, dat ook de vrijheidsmuts niet „made in France” is ³. Deze vrijheidshoed komen we steeds weer in de tijd van de Republiek, maar ook reeds eerder, tegen.



Van Loon ⁴ geeft op 1654 een medaille op de vrede met Engeland. Wij zien de twee staten tegenover elkaar geplaatst. De figuren dragen de landsvlag met een 17de-eeuwse, breedgerande hoed. De gulden van 1681 geeft eveneens een hoed op een lansspits ⁵. Te Leeuwarden verscheen van de hand van C. van Wier in 1795 een brochure, die ik helaas niet vond. De titel is: „De vrugt van den vrijheidboom in tegenoverstelling van den Oranjeboom”. Deze Oranjabomen waren er reeds in de 17de en 18de eeuw. Zij moeten als voorlopers, zij het met een ander voor-teken, van de vrijheidsbomen worden gezien.

De stelling kan dus worden verdedigd, dat in 1795 oude symbolen weer nieuwe inhoud hebben gekregen en zo zijn gaan herleven. De mensen dachten dat ze heel redelijk waren en moesten theoretisch niet veel hebben van oude symboliek, maar het valt op, dat allerlei symbolen van

de antieke wereld, uit de wereld der vrijmetselaars en ook uit de volkstraditie in de revolutietijd een rol spelen. Zoals men in 1945 door het uitsteken van het oude rood, wit en blauw heeft willen zeggen, dat de hoop op de oude vrijheid weer herleefde, zo was dat in 1795 het geval.

Er waren er, die in 1945 iets nieuws hebben gewild. Ook dit vinden we in 1795. De radikalen, die straks in de volkssociëteiten, speciaal ook te Leeuwarden, een „staat in de staat” zullen vormen, voelden zich verwant aan de Jacobijnen. Zij moesten niets hebben van het bedaarde bevorderen van de ommekeer. Maar ze hadden de wind eerst niet in de zeilen. De Fransen, die hier kwamen, hadden de periode met Robespierre achter de rug en gaven heel broederlijk het advies, om het anders te doen dan zij het zelf hadden gekend.

Zo zien we ook in 1795 meer herstel dan vernieuwing. De Provisionele Representanten en vooral de eerste wettig gekozenen van 23 juni 1795 dachten bij vrijheid vooral aan de „aurea libertas” van weleer, aan de erkenning van de eigen rechten. Ds. Thomas Joha c.s. waren federalist. Ze keerden zich scherp tegen het unitarisch drijven der volkssociëteitsmannen. Ze voelden heel weinig voor het amalgame der schulden, waarvan Holland het meeste voordeel zou trekken. Ze waren al lang tevreden, als de Republiek in zijn oude vorm, maar met meer vrijheid en met meer invloed van het volk, dat zij zelf waren, zou worden hersteld. Als op 26 febr. 1795 de schutterij te Leeuwarden wordt bedankt voor de goede diensten tijdens de revolutiedagen bewezen, zegt de voorzitter der Provisionele Representanten, de reeds genoemde Joha, dat hij hoopt op orde. „Dan zullen uwe geplante vrijheidsboomen in den ouderlijken grond dieper en dieper wortels schieten, zoodat en gij en vooral het nakroost, onze hoop, onze verwagting, de smaakelijkste vruchten van dezelve zullen plukken.” Dit is de hoop, die men ook bij de onafhankelijkheidstrijd in Amerika, die men de eeuwen door had gekoesterd. Er was meer terugzien dan vooruitzien en dit betekent ook nu, dat er meer vrees dan hoop is, immers meer vertrouwen op wat was dan verlangen naar wat komen moet.

Er is in februari, maart 1795 veel gespeecht en nog meer gedanst. In onze ogen was het een kluchtig bedrijf. De verslagen⁶ spreken van gepaste aanspraken, van in het wit geklede „vrijsters”, die de vluchtelingen van 1787 en straks de Fransen verwelkomen. Er wordt „hoezee” geroepen en een beetje stuntelig danst men de Carmagnole met het nu niet bepaald bedaarde refrein „Vive le son du canon”. De vrijsters en ook de anderen worden getrakteerd op koffie, bier en brandewijn en er is „gulle eensgezindheid”.

De lektuur van deze verslagen maakt duidelijk, dat er in naam wel veel was veranderd, maar dat in wezen alles gelijk was gebleven. Te Grouw, zo zegt het verslag, „bood men allen de hand van Broederschap, die vergeeven en vergeeten wil, omdat de deugd haar bestuuren moet. Dit de goedkeuring van het groot getal aanschouwers wegdragende, dansten en zongen de Vrijsters om den Vrijheidsboom, onder een aan-

genaamst Muziek; wij marcheerden nog een en andermaal om dit teeken der verkregeene Vrijheid, en trokken van daar naar de plaats ter verdere vreugde bestemd. 's Avonds om 9 uren was men verzogt, naar zijne huizen te keeren, en om 10 uren was het zoo stil of er niets gebeurt was."

Te Holwerd komt de vlag op de toren en zijn „der Godheid vereerende vrije Burgeren" in de kerk bijeen. Zij moeten toch wel iets doen en daarom „zingen zij gezamenlijk met de levendigste aandoeningen van blijdschap en dankerkentenis in maatgezang de zeer toepasselijke Verzen van Ps. 66 vs. 5, Ps. 37 vs. 18 en 37 vs. 15 en scheiden nadat het verlossingsteken was opgerigt, met wederzijdsche toewensching van Heil en Broederschap, en onderlinge aanbeveling om onze Vijanden, edelmoedig, wegens al het geledene leed, te vergeeven."

Zo gaat het overal. Te Minnertsga hangt de Burger Rintje Sikkes wapentuig aan de vrijheidsboom, bestaand in een „Snaphaan en Degen onder den Hoed, welke met een Nationaal driekleurig lint versierd is; hieronder een evenaar, verbeeldende de Gerechtigheid, waarop dus de wapenen steunen en de Vrijheid zig boven alle geweld in de hoogte verheft." Te Arum werd door de "waardige leeraar de teruggekeerde Burger Frans de Boer zeer gepast en hartelijk onder het geven der hand van Broederschap uit ons aller naam verwelkomd, 't welk de Boer ook Vriendelijk beantwoordde. Zodra onze leeraar uit de kring was gegaan (!), besloot men gezamenlijk met een lugtigen dans van Carmagnole en alles liep vreedzaam en in beste orde af." Ieder slooft zich uit, om de revolutie netjes te houden, niet beseffende, dat deze zo reeds bij voorbaat gedoemd is te mislukken. Te Warga tenslotte wordt „als de boom is aangekomen het Kanon gelost en onder het oprichten van den Boom werd den 68 ps. gezongen, hetgeen daarna plegtig in de kerk wierd beantwoord, waarop een korte doch gepaste aanspraak wierd gedaan."

Het eind is haast altijd, dat de burgers wel voldaan en niet te laat huiswaarts keren. Toch kon het ook anders. Te Bolsward raakten allen de boom aan "ten bewijze dat zij meede het haare tot het oprigten der vrijheid willen toebrengen." Het werd daar een vrolijke nacht met broederschap en gelijkheid. „Geen meisje schroomde ieder burger, 't zij rijk of arm broederlijk te omhelzen." En toen waren de Fransjes nog niet eens gearriveerd! Natuurlijk, er is oprechte vreugd geweest, b.v. te Franeker, dat in 1787 zwaar was vernederd en nu weer de oude stadsvrijheid herstelt. Het ging ook allemaal spontaan, al is er wel verzet. Eind maart staat er te Oosterlittens vanwege de „kwade partij" nog steeds geen boom. Eerst in juli komt de boom „in 't onverlicht Midlum." Suameer volgt niet eerder dan 20 augustus. Men had ook niet overal zo maar een echte boom beschikbaar. Soms werden ze eenvoudig gestolen. In de „Friesche Courant" van 6 juni 1795, staat dat er de 27ste mei te Dantumawoude een vrijheidsboom is geplant, die „de waardige burger J. P. A. van Haaren, oud (lees: afgezet) raadsheer van den Hove van Friesland gaarne geleverd had." Er kwamen protesten tegen dit bericht en evenals nu vaak verdedigde de redakteur zich door mede te delen, dat het bericht hem in deze vorm was aangebracht.

Te Harlingen deed men het op 16 februari eerst met een surrogaatboom. „Deeze besting uit een vierkante spar, waaraan boven eenige takken van een taksisboom gespijkt waren, en welker top pronkte met een blikken hoed, omwonden met een driecouleurig lint van het zelve metaal." Eerst op 9 maart toen de Franse soldaten waren aangekomen, werd de dode boom door een levende vervangen. Er rustte echter geen zegen op deze „daarstelling" der revolutie, want de boom stierf alda. Het wou te Harlingen toch niet recht lukken. Toen burger Pieter Fontein aldaar het heil der revolutie wilde demonstreren, liet hij staande op het balkon van het raadhuis een vogeltje uit zijn kooitje. De kanarie vloog eerst vrolijk tijlpnd de lucht in, maar streek al spoedig weer neer in de sneeuw. Zoals dit beestje wisten ook vele mensen geen gebruik te maken van de vrijheid. Het geval herinnert aan de moedige houding van de N.B.S. op een Fries dorp in april 1945. Daar moest worden gedemonstreerd, dat de stengun heus echt was en schoot men dus bij ongeluk de waterleidingbuizen stuk.

Zoals in mei 1945 al spoedig werd geklaagd over de „mooie vrede”, zo horen wij ook, dat in 1795 de klachten niet van de lucht zijn. Er kwam weldra honger, want de Fransen lieten zich voor de vrijheid betalen. We horen van allerlei distributiemaatregelen en als Groningen bij Friesland aanklopt om hulp, zeggen de vrije Friezen, dat ze zelf ook Franse soldaten moeten onderhouden. Weldra wist iedereen het:

„Toen Willem regeerde, die booze guit
Kochten we 't brood voor drie en een duit.
En onder de schelmsche municipalen
Moeten we zes en een oortje betalen.”

Dan horen we ook, hoe er hier en daar aanslagen op het symbool der vrijheid worden gepleegd. Zelfs de meest overtuigden waagden zich niet meer aan een vrolyke dans zoals de afbeelding die laat zien. Er kwamen mooi geschilderde hekken om de boom, maar ook dat hielp weinig en



De dans om een surrogaatvrijheidsboom met bovenaan de vrijheidshoed en een lint met nationale kleuren. Uit: C. Zillesen - Geschiedenis der Vereenigde Nederlanden... (1793-'98), 6 delen, Den Haag 1798-1802. Het Fries Museum heeft een beschilderd dienblad met een dans om de Leeuwarder boom, die voor het stadhuis was geplant. (Inv. nr. 1236 A). De afbeelding leent zich minder goed voor reproductie.

al spoedig stonden de bomen overal te kwijnen. We horen niet, wanneer ze zijn opgeruimd, maar toen Napoleon regeerde was de aardigheid er al lang af. Al in maart 1795 had men te Amsterdam een kale vogel aan de boom gehangen met het bijschrift:

„De vogel is geplukt,
De veeren zijn gevlogen,
De Prins wordt onderdrukt,
De Patriot bedrogen.”

Toen het bericht van de slag bij Leipzig in 1813 doorkwam werd dat:

„Den Arend is geplukt,
De veeren zijn gevlogen,
De Prins is onderweg,
Weldra Oranje boven.”

De hoop bleef steeds leven. Dat was in 1795 het geval en ook in 1945. Maar het blijft de vraag, wat men precies hoopt en van wie men het verwacht. Een vergelijking tussen 1795 en 1945 kan ook leren, dat men bij vrijheid wel vaak aan zichzelf denkt en deze vrijheid ook meer als gave dan als opgave ziet.

Noten

- ¹ Vgl. W. Helbig, Ueber den Pileus der alten Italiker, Sitzungsberichte der philosophisch-philologische u. historische Classe der k.b. Akademie der Wissenschaften zu München, 1880, p. 487–554.
- ² Vgl. over een en ander: Suzanne Anderegg, Der Freiheitsbaum. Ein Rechtssymbol im Zeitalter des Rationalismus, Zürich, 1968.
- ³ Vgl. ook R. S. Roorda, It âlde Fryske wapen, It Beaken XIV, 1952, s. 119–124. (Over de ideeën van Joh. Hilarides over de voorplaat bij het kaartboek van Friesland van Fr. Halma).
- ⁴ Ger. van Loon, Beschrijving der Nederl. Historiepenningen, 's-Gravenhage, 1723–'31, dl. II, 371.
- ⁵ Vgl. P. Verkade, Muntboek, Schiedam, 1848, pl. 51.
- ⁶ Vgl. Nederl. Jaarboeken 1795; G. A. Wumkes, Stad- en Dorpskroniek I, p. 383 v.; S. Koopmans, Friesland gedurende het eerste jaar der Bataafsche vrijheid, Leeuwarden (1888), p. 19 v.

Erasmuslektuer yn Fryslân oant 1700

S. SYBRANDY

„Nu is de invloed van Erasmus in de Nederlanden na te gaan wanneer men de verspreiding van zijn boeken kan aantonen”, seit G. J. Hoenderdaal yn in bydrage oan it Erasmus-nûmer fan *Vox Theologica* (jrg. 39, 1969, s. 126). Dit is faeks hwat al to sterk útdrukt, hwant in skriuwer kin noch wol op oare wizen ynfloed útoefenje as troch syn boeken. Dochs is der grif in forbân tusken de forsprieding fan it wurk fan in skriuwer en syn ynfloed. Yn it neifolgjende sil dan ek bisocht wurde hwat oer de forsprieding fan it wurk fan Erasmus, spesiael yn Fryslân, to sizzen. Dy biheining ta in biskaet gebiet jowt wol swierrichheden, binammen by it wurk fan in humanist as Erasmus, dy’t fansels yn it latyn skreau. Latynske útjeften út Basel, Parys of hwersanne ek wei koene nammers troch hiel Europa brûkt wurde, en fan gefolgen seit it feit dat in biskaet wurk net yn Nederlân of yn Fryslân printe is, net dat it dêr ek net lêzen is. Oarsom seit it feit dat in wurk wól printe is, yn elts gefal dat der forlet fan dat wurk wie.

Yn it earste diel fan dit artikel wol ik neigean hwat der eins oan konkrete gegevens to finen is oer de lektuer fan Erasmus yn it latyn, sûnder de pretinsje to hawwen dat dêrmei alles sein is oer de forsprieding fan syn wurk yn Fryslân (sjoch boppe).

In bettere oanwizing foar de forsprieding fan it wurk fan in skriuwer yn in biskaet gebiet jowe de oersettingen dy’t yn dat gebiet fan him makke binne ¹. Hwat dit oangiet kin Fryslân, likemin as by it wurk yn it latyn, op himsels bisjoen wurde. Oersettingen dy’t bûten Fryslân yn it Nederlânsk forskynden, binne grif yn Fryslân brûkt. Aparte oersettingen foar Fryslân — dus yn it Frysk — binne my net bikend. Wol binne der trije Nederlânske oersettingen yn Fryslân printe, dy’t yn it twadde diel fan dit artikel bisjoen wurde sille. Dizze oersettingen jowe nammers in oanwizing dat Erasmus foar de oersetters bitsjutting hie en fierders makken de oersetters Erasmus wer tagonklik foar in breder publyk yn en bûten Fryslân. Alwer: dizze trije oersettingen jowe fansels gjin folslein byld fan de forsprieding fan Erasmus’ wurk yn oersetting yn Fryslân. Dêrta moat ek goed notysje nommen wurde fan de oare oersettingen (sjoch noat 1). Wol leit it foar de hân om mei dizze trije oersettingen to begjinnen, omt der troch de persoanen fan de oersetters en de printers in bisûndere bining bistiet mei de Fryske kultuerskiednis.

It falt net ta mei wissichheit eat to sizzen oer de forsprieding fan boeken yn in tiid sûnder best-sellerslisten. Faek moat it by foarbylden bliuwe.

Sa skreau Martinus Lydius, de earste rektor fan de Frjentsjerter universiteit, in *Apologia pro Erasmo, opposita calumniis eorum qui ipsum Arianismi accusant*, in 'Dissertatio posthuma', útjown troch ien fan syn soannen en ek ôfprinte yn tom. X fan de Leidske Erasmus-edysje fan Clericus (1703–1706). Hjiryn jowt hy in gearfetting fan Erasmus' opfettingen oer biskate theologyske kwestjes en jo meije oannimme dat hy dêrfoar Erasmus lêzen hat. Yn de biblioteek fan de universiteit wiene de opera omnia fan Erasmus oanwêzich (forg. *Catalogus librorum bibliothecae publicae, quae est in ill. Frisiae ordinum Academiae Franeckeranae, Franeckerae*, Idz. Alberti, 1656, s. 65). Ek yn de biblioteek fan it Hof fan Fryslân wiene de opera to finen (*Catalogus ... bibliothecae quae est in suprema Frisiorum curia ... opera Sam. Arcerii, Leovardiae*, J. P. Hagenauer, 1668, sjoch register). Ek fan guon partikuliere biblioteken is in katalogus biwarre bleaun. Sa hat E. Galama de biblioteek fan Japik Gysberts Holckama biskreaun (rige Minsken en boeken, 1). As nû. 32 neamt hy 'Erasmus Rotterodamus de libero arbitrio'. Der binne wol mear katalogi fan âlde biblioteken biwarre mar it gehiel fan de gegevens bliuwt dochs sa ynsidintel dat it net folle sin hat om yn dizze rjochting fierder to sykjen.

Bettere oanwizingen jowe de boekelisten fan de skoallereglimenten, omt hjirút yn elts gefal algemien jildende konklúzjes lutsen wurde kinne. Op de neamde listen hie Erasmus faek in plak. Sa wurdt yn de bikende 'Hollandse schoolordre' fan 1625 (útjown troch E. J. Kuiper, Groningen 1958) neamd: de *Familiares formulae* togearre mei de *Colloquia* fan Corderius (Kuiper, s. 8 en 115) en Erasmus' *De civilitate morum* (Kuiper, s. 10 en 117). Fierders koene der foar it briefskriuwen foarbylden nommen wurde út Erasmus' *De ratione conscribendi epistolas* (Kuiper, s. 16).

It Fryske skoallereglement datearret fan earder tiid as it Hollânske. De titel is: *Trivialium scholarum in urbibus Leovardiana, Doccumana, Bolswardiana, Snecana, Harlingana, Franeckerana, instituendarum ratio*. (Franeckerae, Aeg. Radaeus, 1588). Dit reglement bleau ek nei it ta stân kommen fan de 'Hollandsche schoolordre' yn gebrûk, al hie de 'schoolordre' yn Fryslân wol ynfloed, sa't byg. bliken docht út lettere reglementen fan it Ljouwerter gymnasium (Kuiper, s. 164). Yn it reglement fan 1588 komt Erasmus net apart foar. Wol wurde de *Colloquia* fan Corderius wer neamd, by hokker samling yn de measte útjeften ek *colloquia* fan Erasmus foege waerden. Nei printingen yn Hollân kamen der pas let yn Fryslân útjeften fan dizze bondel, sawol fan de latynske tekst as fan de oersetting ².

Fierder komme de bikende *Disticha Catonis* op de list foar ³, dy't ek yn de 'Hollandsche schoolordre' fansels net ûntbrekke (Kuiper, s. 10). Kuiper seit fan de edysjes fan dizze spreukesamling (s. 113): „De vele uitgaven meen ik hoofdzakelijk in vier soorten te kunnen onderscheiden: 1) in de 16e eeuw was een der belangrijkste die van Erasmus, bevattende de Latijnse tekst met de Griekse vertaling van (Maximus) Planudes en

het commentaar van Erasmus (zo de Friese schooluitgave Franeker 1594)". Dizze fryske útjefte hat forskate printingen bilibbe ⁴. Meastal waerden nei de *Disticha Catonis* ôfprinte de *Apophtegmatata sive Dicta septem sapientium Graeciae*, samle troch Erasmus. Ek fan dizze kombinaasje fan de *Disticha* mei de *Dicta* binne útjeften út Fryslân bikend ⁵.

De Schoolordre liket mear omtinken to jaen oan Erasmus as it Fryske reglemint, omt dêr ek noch Erasmus' *De civilitate morum* foarskreaun wurdt, dat binammen yn oersetting noch tiden yn gebrûk bleaun is ⁶. Yn de praktyk waard de latynske edysje op de skoallen lykwols net altyd brûkt (Kuiper, s. 152), dat úteinlik leit de sitewaasje foar Hollân en Fryslân frijhwat gelyk: útsein in pear *colloquia* by dy fan Corderius komt Erasmus sels net mear oan bar, wol syn útjeften fan oaren.

Nêst de Erasmusútjeften yn it latyn binne der yn Fryslân trije oersettingen fan him útjown. De titel fan it (yn chronologyske folchoarder) earste wurkje is:

Querela pacis, || dat is || Vreden-clacht || Aen die vereenichde Nederlanden/ || Waerinne de Vrede haer beclaecht datse onder den schijn || van Vrede ofte Trevis/ beyde uyt die kerckelijc- || ke ende Burgelijcke regeringhe wort || verdreven ende verbannen. || Tot navolginghe des gheleerden ende wiitberoemden || D. Erasmi Roterodami, || aldus ghestelt ... door Godeschalculum Aeltium, || dienaer des Godtlijcken woorts tot Bolswert. || Gedruckt || Tot Leeuwarden, || By Abraham van den Rade/ Boeck- || drucker Ordinaris. || 1612 ⁷.

De ynhâld bistiet út: a opdracht „Den Christelijcken Leeser/ genade en vrede” troch Godeschalculum Aeltius, „Geldrus || Predicant tot Bolswaert” (s. I); b „De clachte des vreesdes/ || aen die vereenichde Nederlanden”, bisletten mei psalm 133 (ss. 1–36); c „Sonnet Dialogisma || Tusschen den Vreemdelinck ende vrede” troch S. Siccama (s. 37); d „Somma vanden vredenclacht/ || in een Revereyn” troch G. S. (s. 38).

Oer de tastannen op polityk en tsjerklik mêd dy't Aeltius ta syn Vredenclacht oanlieding joegen, hat J. J. Kalma skreaun: 'Bolswert fredesstêd', yn *It Beaken XVII* (1955), s. 134 e.f. In forliking mei Erasmus' *Querela pacis*, dêr't yn de titel sa dúdlik nei forwiisd wurdt, jowt hy net. As jo it model der nêst lizze docht it bliken dat de oerienkomst mar tige lyts is. Letterlik oerset binne mar 10 rigels op s. 3, dêr't yn de marge ek kreas by stiet „Erasm.". It is in oersetting fan it begjin fan de *Querela*: „Indien ghy my sonder mynen schult tot profijt van't ghemeene beste haddet teghenstaen/ uytgheworpen ende verbannen/ Ick soude alleene beclaghen uwe boosheyt ende mijn ongelijck ofte ongeluck; maer nu ghy my verstootende die een fonteyne ben van alle het geluck ende welvaren der menschen/ terstont op u haelt een Zee ende af-gront vol elenden/ so moet ick meerder beclaghen u ongheluck als het myne/ en in plaetse daer ick wilde alleene my vertoornen over uwe boosheyt/ moet ick noch u eygen staet beclaghen en medelijden met u hebben over uwe aen-

staende elende” 8. It wurkje fan Aeltius bifettet nêst passages dy’t allinne op syn tiid slaen kinne, ek algemiene skôgingen oer de frede en dêryn brûkt hy faek gedachten fan Erasmus, mear of minder oanpast of útwreide. Sa komme byg. de passages op s. 9 oer de humaniteit en oer it feit dat de bisten ûnderinoar net fjochtsje — en dus wizer binne as de minsken — rjochtstreeks by Erasmus wei (kol. 627A en C).

Allyksa it foarbyld fan de beammen dy’t foar har bistean op inoar oanwiisd binne op s. 10 (kol. 626C). De wurden fan it *Us Heit* dy’t yn de mûle fan de soldaet in parody wurde (s. 20/21) steane ek by Erasmus, mar Aeltius hat it idé folle breder útwurke: „... hoe durft ghy seggen gheheyligt werde uwen naeme/ ghy die door twist ende tweedracht den naeme des Heeren/ ont=heylighet/ ende maeckt datse van anderen ghelastert wert: hoe durft ghy seggen/ u rijke toecome/ ghy die eygen rijk/ hoocheyt en eere soeket/ om te herschen over uwe broederen en Godes onderda=nen: hoe durft ghy seggen u wille geschiede opten aerden als inden hemel/ daer Godt wil dat ghy de vrede sult soecken en daer in leven/ en ghy soeckt noch en wilt anders niet dan dat ghy in onvrede moecht leven; ...” 9.

Op side 24 stiet noch twa kear yn de marge „*Erasm.*”, omt de dêr sitearre útspraken fan keyser Augustus en in anonime keizer by Erasmus weikomme.

De konklúzje moat wêze dat dizze Vreden-clacht yn de algemiene skôgingen in soad gedachten bifettet dy’t by Erasmus weikomme, mar dat it boekje dochs foar fierwei it grêtste part it eigen wurk fan Aeltius is. It „tot navolginghe” yn de titel moat dus rom opfette wurde.

Frjemd is it sonnet fan S. Siccama oan it ein. Hy lit de Vrede, op de fraech hwa’t oan de Gods-knecht (Aeltius) dizze wurden oer de frede leard hat, anderje: „Urania, doorwachtster van ’s Hemels gouden Tent/ .../ Die heeftshem gedichteerd, ende in zijn mond geleyt,/ ...”. Erasmus is hjir wol goed forgotten!

Mei it folgjende wurkje bliuwe wy tichter by Erasmus. De titel is:

Desid.Erasmi || Colloquium Proci et Puellæ. || Dat Js; || Een Bespreck oft Vryage/ || tusschen een Vryer ende Vryster/ han= || delende van den Echten-Staet. || VVt het Latijnsch vertaelt, ende in Duytschen Rij- || me, Poëtische wijze, nae de Roodenburgsche stijl, voorgesteld, || Door P. Gheest—Dorp. ||

Tot Leeuwarden, || Gedrukt by Claude Fonteyne, Boeckdrucker. || Voor Ielle Fettjesz. Boeck-vercooper/ woonende tot Har || linghen op de Wortel-Haven. Anno 1627. (Forg.: Bibliotheca Belgica, E 767).

It bifettet: **a** Opdracht fan de oersetter „Aen de konst-lievende Ieucht || der Stadt || Harlingen” (s. I); **b** „In-leydende Aen-radinge || Tot P. Gheest-dorps Vryage-Bespreck” troch H. G. de Leeuw, dy’t as devys hat: „Lust voet den arbeyt” (s. 1); **c** „Vryage-Bespreck || Van het Houwe-lijk”. (s. 1 o/m 14); **d** „Pamphili Aff-zijns Gepeys.” || (Fers yn 6 cou-

pletten). „Stemme: La Maurice”, troch P. Gheest-dorp, hwaens devys hjir is: „De Gheest moet wandelen” (s. 14).

Sa't út de titel al bliken docht hawwe wy hjirre to meitsjen mei in (frije) oersetting fan Erasmus' Colloquium Proci et Puellae. Fan de oersetter is net safolle bikend. It wurkje is yn Harns to keap en opdroegen oan de jongerein fan dy stêd. Dêrby past, dat yn it Album studiosorum Academiae Franekerensis, I, foarkomt: Petrus Cornelii Geesdorpius Harlingensis, ling. phil. et theol. (anno 1626, nr. 2303). Van der Aa seit yn syn Biografisch woordenboek fan Geestdorp, Pieter: „(zinspreuk: Wandelt naar den geest) maakte zich bekend door: 's Hertogenbosch overweldigt. 1629.”. Dit wurkje forskynde ek by Claude Fonteyne to Ljouwert en letter yn in bondel 'Lofdichten ter eeren den doorluchtigsten Vorst Frederic Henric ... over de twee voortreffelijke victorien der stercke steden Wesel, ende het on-winbaer geachte 's Hertogenbosch'. Neffens it Nieuw Nederl. Biogr. Woordenboek (art. G. A. Wumkes) wurdt hy troch Gysbert Japicx neamd yn brief XVII (19 maeije 1656). J. H. Brouwer (Oant. op G. J.'s wurken, s. 338) skriuwt dat hy libbe fan 1608 oant 1648 en to Idaerd dûmny wie. „Yn 1632 wie fan him by Claude Fonteyne forskynd 'Friesche Meykrans' (foar Ernst Casimir)”. Wumkes en Brouwer neame ek noch de trije fersen fan Geestdorp yn Klioos Kraam (Ljouwert, 1656–1657): „Op de doodt van Henric Casimir; Op't huwelijck van Benedictus van Velzen en Sophia van Roorda; Klachte van de princes Sophia Hedwigh”. Gjin fan beiden hawwe hja blykber Van der Aa brûkt, dat it fers oer 's Hertogenbosch is har ûntkommen.

De lettere fersen fan Geestdorp meitsje de yndruk fan gelegenheits-wurk sûnder in soad ynspiraasje, wylst der yn it Gespreck oft Vryage hwat mear fjûr sit. Dat is fansels foar in part oan Erasmus to tankjen, mar de kár fan krekt dit stik seit dochs ek wol hwat fan de figuer fan de oersetter. Ik mien dat alle boppeneamde fersen it wurk fan deselde Geestdorp binne, mar dat der in forskil to fornimmen is tusken syn wurk út de studintetiid en syn lettere wurk, as hy dûmny is. Dêrmei rint lykop de foroaring fan syn devys „De gheest moet wandelen” yn it lettere „Wandelt naar de geest”.

It wie in goede kar om krekt dit colloquium fan Erasmus oer to setten. Craig R. Thompson (The Colloquies of Erasmus, translated by —, Chicago 1965, s. 87) seit: „In dramatic construction and characterization 'Courtship' is the most agreeable of the dialogues on marriage”. Mar „This colloquy was criticized severely because of Pamphilus' freedom of language and the implicit suggestion that marriage is better than virginity; ...”. Nêst de frijmoedige tael fan Pamphilus en de snoade setten dy't de jongelju útwikselje bifettet de dialooch ek noch swiere skôgingen oer it houlik, dêr't Geestdorp, as it nedich wie, syn kar mei fordigenje koe foar swiersettige lju oer. Jo krije wol it idé dat dy earnstige kant foar him net de haedsaek wie. Dit net fanwegen de tekst sels — dy't uteraerd it origineel folgje moast — mar binammen út de bigeliedende fersen. It

fers fan H. G. de Leeuw bigjint sa: „Vryers die gaern u gerieff/ Hadt van u verkooren Lieff,/ Komt, leert vryen van dees' GHEEST-/DORP-er, moedig, onbevreesd”. Sterker oanwizing is noch it fers fan Geestdorp sels, dat alhiel in leafdesfers is.

Yn de opdracht – tagelyk it foaropwurd – lit de oersetter him net oer syn bidoelingen út. Hy seit dêr dat dit ien „van de alder-eerste Werckskens (is) die ick in't licht brenge” en dat it „in Rijme gepast (is) op gemeene Fransche mate, in't welcke ick na-gevolcht hebbe den Alder-treffelycksten ende Eeuwich-gelauriert-waerdigen Poët, D. Theodore Rodenburg ...”. De 'Fransche mate' is de alexandrijn, dy't troch de dichters fan de Pleiade (Jean de la Taille skreau in traktaat oer de alexandrijn) yn de moade kommen is ¹⁰. Neffens Prinsen (N.N.B.W., VII, kol. 1054) wie Ridder Theodoor Rodenburg in tige produktif en populair skriuwer fan toanielstikken, faek biwurkingen of neifolgingen fan Frânske, Italiaenske of Spaenske stikken. Troch him en letter troch Hooft hat it elegante romanisme it woun fan de hwat hoekige styl fan byg. Coornhert en Spiegel (Gesch. v. d. letterk. d. Nederlanden, IV, s. 260 e.f., art. J. Brouwer). It lêst oanhelle wurk (s. 263) hat minder goede wurden foar Rodenburg oer as Geestdorp: „Zijn alexandrijnen hebben met de echte alleen dit gemeen, dat zij regels vormen van twaalf lettergrepen; caesuur is, althans in de oudere stukken, een uitzondering”. By Geestdorp is de caesuur wol frekwint.

Yn syn oersetting folget Geestdorp it forrin fan Erasmus' stik moai krekt, mar hy set net letterlik oer. Om in idé to jaen, folgje hjir de earste rigels:

„Pamphilus: Weest seer gegroet Mevrouw/ gy wreedste aller Wreden/ || Die't stael, ja d'Adamant/ verwint in hardichheden. || Maria: Wel Pamph'le, zijt gegroet. Maer hoe is doch mijn naem? || Weet ghy niet hoe ick heet/ daer wy soo vaeck te saem || Geweest zijn hier en daer? off wilt gy het niet weten? || Hoe nood weet ghy dat ick Maria ben geheten! || Pamph.: Neen; ghy moest heten Martia na mijn vermoen. || Mar.: Wel, Pamph'le, hoe heb ick wat met God Mars te doen? || Pamph.: Aldus: gelijk die God heeft al sijn meest vermaken || In mensche-moordery/ en diergelijke saken || Soo doet gy van gelijk: na alle oogen-schijn || Blijckt oock dat gy noch wreeder als Mars selfs wilt zijn: || Want Mars woet tegen dien alleen/ die als Vyande || Sich stellet tegen hem: maer gy doet allerhande || Wreetheyd den selven aen die u van harten lieft. ||” ¹¹.

Oan de iene kant is Geestdorp wiidweidiger as syn origineel, lykas yn de earste rigel, mar oan de oare kant lit hy ek gedachten fan Erasmus wei lykas yn de earste wurden fan Maria. Foar myn gefoel wurdt de oersetting troch de útwreidingen gauris minder krêftich en gleder as it origineel, dêr't it brûken fan de alexandrijn yn de oersetting fansels ek mei oarsaek fan is. Soms wol Geestdorp to koart om 'e hoeke (s. 5): „Mar.: Wel voor wiens Richter-stoel wilt gy dan stellen my? || Pamph.: Voor Venus Richter-Stoel. Mar.: Het is met haer wel doenlijk/ || Want

sy is een Goddin die lichtlyk is versoenlyk. || Pamph.: Niet licht. Mar.: Wat heeft sy dan een Lants/ Pieck/ Furck of Sweert? || Pamph.: Neen/ sy regeert de Zee. Mar.: Soo ben ick niet verveert. || Ick vaer al selden eens" ... ¹².

Hjir hat Geestdorp de 'lants, pieck, furck of sweert' netsjes op in rychje set, dat it lykje oerstallige synonymen, wylst by Erasmus elk wapen yn in aparte fraech en antwurd bihannele wurdt, sadat de forwizing nei de forskillende goaden (Zeus by 'fulmen', Neptunus by 'tridens') better útkomt.

Op syn bêst — better as Erasmus — is Geestdorp yn de biskriuwing fan de ûnsjogge frijer dy't Pamphilus Maria ûnthjit as se noch langer wachtet mei trouwen (s. 7): „... Hy hat root-loopend' oogen/ en een grote mont || Die altijt als een Oven gaep't en open stond/ || Een roode groote neus/ vol dicke seer'ge puysten/ || En neus-gaten soo groot als voege Kinderwuysten/ || Een dick-gescheurden-lip/ een peuckelige kin/ ...” ¹³. Oan dit soarte fan eigen bydragen — it wurkje hat der mear fan — en ek al oan it brûken fan in fersmaet, is wol to fornimmen dat it Geestdorp der net yn it foarste plak om gie de dialooch fan Erasmus foar net-latinisten tagonklik to meitsjen, mar dat hy oan it oersetten gien is om der hwat fan syn eigen skeppende formogens yn kwyt to kinnen. Hoe great dy formogens krekt wiene, docht der yn dit forbân fierder net sa folle ta.

De tredde — en lêste — oersetting, dy't yn Fryslân útjown is, hat as titel: Gedenkweerdige || SPREUKEN || van Desiderius Erasmus || Van Rotterdam. || Zijnde door hem || Meest aller beroemde Heidenen hoogste Wijs- || heit en Zinspreuken, uit d'overgebleeven Out- || heit, by een versamelt; en daar op door- || gaans sijn Hooggeleerde Bedenkingen, soo || Christelijk als zeedelijk toegepast || Uit het latijn vertaelt || door || L. v. B. || Te Leeuwarden, || By Hendrik Rintjes, Drukker en Boekver- || koo || per in de Peperstraat, in de Zaadzaaijer. 1672. (Forg. Bibliotheca Belgica E 403; oanwêzich yn Prov. en Sted. bibl. to Ljouwert.) It boek bifettet: **a** „Den doorlugtigsten Prins Wilhelm, de Jonger, Hartooge van Kleef ... etc. Wenscht Desiderius Erasmus van Rotterdam Heyl” (s. [I]); **b** „Den Drukker tot den Goedwilligen Leezer” (s. [XVII]); **c** „Register” (ntl. fan sitearre persoanen), (s. [XXII]); **d** acht boeken „der gedenkweerdige Spreuken ...” (s. 1–844; moat wêze: 864).

De oersetter L. v. B. is grif Lambertus van (den) Bosch ¹⁴. Oer dizze Van den Bosch (ek wol: Van den Bos, of op syn latynsk: Sylvius) seit it N.N.B.W. (l. IV, kol. 231, art. Van Dalen) û.o.: „Hij verstond, behalve de klassieke talen, Engelsch, Frans, Italiaansch en Spaans, wat hem in staat stelde veel en velerlei te vertalen. Hij is een echte veelschrijver en broodpoët geweest. Geschiedenis, novellen, gedichten, treurspelen, vertalingen, vormen tesamen een bijna onafzienbare reeks geschriften, waar-

van, voorzover bekend, het eerste in 1646 verscheen". Hjirmei is al sahwat de bidoeling fan dizze Erasmus-oersetting dúdlik: in tekst, dêr't bilangstelling foar forwachte wurde koe, tagonklik to meitsjen foar it greate publyk. Yn it foaropwurd fan de printer wurdt der binammen op wiisd dat lju dy't it latyn net machtich binne, nou tagong hawwe ta de hiele wysheit fan Grikenlân en Rome, dy't troch Erasmus yn koart bistek gearbrocht is. It giet hjir om de oersetting fan de Apophtegmatata, dy't as it immen binammen om de spreuken sels to dwaen is, op de forgelykbere samling fan de Adagia noch foar hawwe dat hja gauris minder kommentear fan Erasmus bifetsje. Fan samlingen út de Adagia wiene boppedat ek al oersettingen forskynd.

De wurken fan Van den Bosch binne meast yn Amsterdam útjown. Dat dizze oersetting nou by de fryske printer Hendrik Rintjes forskynde, is net sa frjemd as it liket. G. A. Wumkes fortelt yn syn artikel oer 'De Poezije fen Hendrik Rintjes' (Paden f. Fryslân. IV, s. 202/3) dat Rintjes kontakten hie mei bikende auteurs bûten Fryslân. Dat docht wol bliken út it feit dat hy de bondel 'Klioos Kraam' útjaen koe, mei fersen fan gâns bikende hollânske skriuwers. „Boppedet joech Rintjes útjeften fen frjemde skriuwers en oersettings, dat oant nou ta hwet nijs wier op 'e Fryske boekemerk", seit Wumkes en hy neamt dan forskate foarbylden, û.o. ek de oersetting, dêr't ik it oer haw.

Van den Bosch jowt in safolle mooglik letterlike oersetting fan Erasmus' wurk, nei de folsleine útjeft yn acht boeken, dy't foar it earst yn 1531 forskynde. De oersetting bifettet ek de opdracht fan Erasmus, it register en de koarte karakteristiken yn de marge. It register is hwat de stavering oangiet hwat biwurke: Adrianus Caesar en Adrianus Sophista binne yn de oersetting werom to finen as Hadrianus en Hadrianus „de schalkwijs". In letterlike oersetting is fansels net altyd mooglik; soms moat Van den Bosch der in taljochting by jaen, om de tekst dochs bigryplik to meitsjen. Sa yn boek VI, s. 460, oer Tiberius Caesar: „Omdat hy een jong krijgsman zijnde, geduirglijk wijn in het leeger dronk, werd hy voor Tiberius Claudius Nero, Biberius Caldus Mero genoemd. Dit kan in onse tael niet gebracht worden. Altoos Biberius sou een drinker, Caldus heet, en Merum louteren wijn beteekenen" ¹⁵. (It „Iocus ex depravatione" yn de marge is hjir net oerset.)

De tekst fan Erasmus komt dus yn dizze tredde oersetting it bêst ta syn rjocht, omt Van den Bosch him alhiel op de eftergroun hâldt.

De alsidigens fan Erasmus, dy't him sa nijsgjirrich makket, komt goed ta utering yn alle trije wurken, dy't yn dit twadde diel bisprutsen binne. Aeltius folget Erasmus as pasifist, Geestdorp wurdearret Erasmus as literator, as skriuwer fan in geastige en skerpe dialooch. Hoe't Van den Bosch foar Erasmus oer stie, is net to sizzen: hy hat in wurk oerset dêr't net folle fan Erasmus sels ynsit. Sa'n spreuke-samling is wol typysk foar de humanist Erasmus; Van den Bosch hat yn elts gefal it humanistyske en it polygrafyske mei Erasmus mien, allinne de kwaliteit is forskillend!

Noaten

- 1 Hoenderdaal, s. 127, noat 1 en binammen: W. de Vreese, *De Nederlandse Vertalingen van Des. Erasmus*, yn: *Het Boek 24* (1936/37), s. 71 e.f. Oan de Gemeentebibliotheek to Rotterdam, dy't in forneamde Erasmus-kolleks. es hat, wurdt wurke oan in oersjoch fan alle oersettingen fan Erasmus yn Europa, mar de útkomsten fan it ûndersyk binne noch net publisearre.
- 2 Corderius, Maturinus, *Colloquiorum centuria una*, cum Erasmi Roterodami colloquia selecta, ac loquendi formulae, copiaeque verborum compendio. In usum scholae Erasminae. Editio ultima, auctor et emendator. Leovardiae, W. Wigeri, 1757.
Mei oersetting: Corderius, Maturinus, *Centuria colloquiorum* . . . , cum nova vernacula interpretatione, et accurato constructione grammatica pro captu puerorum, nunquam antehac sic in lucem edita. Quibus acc. pauca quaedam colloquia Des. Erasmi, ac loquendi formulae. In usum scholae Erasminae. Editio ultima, auctor et emendator. / Een hondert 't Zamenspraken van . . . , met een nieuwe Duitsche vertaling en nauwkeuriger Grammaticale constructie, na het begryp der kinderen, nooit voor dezen zoo in 't licht gebracht: waar bij gevoegt zijn eenige weinige zamenspraken van Desiderius Erasmus, en maniere van spreken. Ter dienste van de Erasmiaansche school. Nooit voor dezen zoo volkomen gedrukt. Leovardiae, apud Wigerum Wigeri, 1758.
Neffens de Encyclopedie van Friesland wenne Wigeri 'in de Rotterdamse Erasmus' op de Kelders. De oantsjutting yn de titel 'in usum scholae Erasminae' sil, lykas syn adres, wol in ekstra reklame wêze. Fan in Erasmus-skoalle yn Ljouwert is tominsten neat bikend.
- 3 Forg.: H. W. Fortgens, Meesters, scholieren en grammatica uit het middeleeuwse schoolleven, Zwolle, 1956, s. 85 e.f. Deselde H. W. Fortgens bihannellet it ûnderwiis út hwat letter tiid, û.o. de 'schoolordre', yn: *Schola latina*. Uit het verleden van ons voortgezet onderwijs, Zwolle, 1958.
- 4 Forg.: *Bibliotheca Erasminiana, Répertoire des oeuvres d'Erasme*, Gand 1893, II, s. 17. Franekerae, Aeg. Radaeus, 1600 en 1604; Franekerae, Joh. Arcerius, 1660; id. Joh. Wellens, 1660.
- 5 Bibl. Erasmi., II, s. 10: Franekerae, Aeg. Radaeus, 1591 (moat wêze: 1594); Leovardiae, Abr. Radaeus, 1609.
- 6 Forg. foar de bitsjutting foar it ûnderwiis fan dit wurkje en foar de civiltéletter, dy't syn namme oan 'De civillitate . . .' ûntliet: Het boeckje van Erasmus aengaende de beleeftheit der kinderlijcke zeden. Herdrukt naar de Latijns-Nederlandse uitgaven van 1678 [mei in ynliding fan H. de la Fontaine Verwey], Amsterdam, Universiteitsbibliotheek, 1969.
- 7 "Men vintse te coop by Jan Lamrinck tot Bolswert ende by Isaac Knoop tot Leeuwarden". Forg.: *Bibliotheca Belgica*, p. 1018, art. Jos. de Reuck. Der is in eksemplaer op de Prov. Bibl. to Ljouwert. (De dubbele verticale streken yn de transkripsje jowe de ein fan in rigel oan).
- 8 Latynske tekst (neffens de útjefte fan J. Clericus, Lugd., Bat., 1703-1706, dy't ek fierder hyltyd brûkt is, sitearre mei de kolom derby): tom. IV, kol. 625: "Si me, licet immerentem, suo tamen commodo, sic aversarentur, ejicerent profligarentque mortales, meam modo injuriam & illorum iniquitatem deplorarem: nunc cum me profligata, protinus fontem omnis humanae felicitatis ipsi a semet arceant, omniumque calamitatum pelagus accersant, magis illorum mihi deffenda est infelicitas, quam meam injuria: & quibus irasci tantum maluissem horum dolere vicem, hos commiserari compellor". Lykas men sjocht is it in frije oersetting. De tredde persoan fan Erasmus hat Aeltius yn de twadde persoan.
- 9 Kol. 635D: "Sanctificetur nomen tuum. Qui magis dehonestari poterat nomen Dei, quam istiusmodi inter vos tumultibus? Adveniat regnum tuum. Sic oras, qui tanto sanguine tyrannidem tuam moliris? Fiat voluntas tua, quemadmodum in coelo, ita & in terra. Pacem vult ille, & tu bellum paras?" It falt jin op hoefolle koarter en dêrtroch ek krêftiger Erasmus is.
- 10 *Geschied. v. d. Letterkunde der Nederlanden*, III, s. 129/30: "Met zijn strenge beperking tot 12 à 13 lettergrepen komt de laatste versvorm (nlt. de alexandrijn) te staan naast en tegenover het reeds door vele Rederijkers in acht genomen Vlaamsche en Brabantsche landsgebruik; het duurt nog heel wat en er moet nog veel tegenstand worden overwonnen eer hij, als laatste en fijnste nieuwigheid beschouwd, onder de benaming 'Fransche maet' burgerrecht zal krijgen in de Nederlandsche prosodie".
- 11 Tom. I, kol. 692: "PA. Salve crudelis, salve ferrea, salve adamantina. MA. Salve tandem & tu Pamphile, quoties & quantum voles, & quocunque libet nomine. Sed interim mihi videris oblitus nominis mei; Maria vocor. PA. At Martiam dici oportuit. MA. Quid ita, quae? Quid mihi cum Marte. PA. Quia quemadmodum illi Deo pro ludo est, homines interficere; ita & tibi: nisi quod tu Marte crudelior, occidis etiam amantem".
- 12 Kol. 694C: "MA. Apud quod tribunal peragar rea? Areopagitarum? PA. Non; sed apud tribunal Veneris. MA. Ajunt Deam esse placibilem. PA. Immo nullius ira perinde formidabilis. MA. Habet fulmen? PA. Non. MA. Habet tridentem? PA. Nequaquam. MA. Habet hastam? PA. Minime; sed est Dea maris. MA. Non navigo".
- 13 Kol. 694F: "... oculis refugis, naribus simis ac sursum hiantibus, ore sparso, dentibus putridis, balbutiente lingua, mento scabioso; . . .".
- 14 Forg. J. I. van Doorninck, Vermomde en naamloze schrijvers, I, s. 379, dy't dêr dizze oersetting neamt. Ek De Vreese (sjoch noat 1) en de *Bibliotheca Belgica* neame Van den Bosch as de oersetter (faeks yn neifolging fan Van Doorninck).
- 15 Tom. IV, kol. 273C: "Quoniam tyro in castris avidius bibebat vinum, militari ioco pro Tiberio, Claudio, Nerone, dictus est, Biberius, Caldius, Mero".
De karakteristiken yn de marge steane net yn de Leidske edysje fan Clericus. Ik haw dêrfoar brûkt de edysje printe troch M. Gymnicus, Coloniae 1547.

De vestingwerken van Dokkum

W. T. KEUNE

Van de toestand van Dokkums vestingwerken is ons vóór 1581 weinig met zekerheid bekend. Uit de rekeningen van Hertog Albrecht van Beieren en diens zoon Willem van Oostervant weten wij dat de stad in de jaren rond 1400 verschillende malen belegerd is geweest ¹. Wij zouden daaruit kunnen opmaken dat Dokkum in die dagen wel van verdedigingswerken was voorzien.

In 1473 was dat waarschijnlijk niet het geval. In dat jaar slaagde een aantal Schieringers er in om de stad ongehinderd met twee schepen binnen te komen om wraak te nemen op de moordenaars van Ede Jongama. Even gemakkelijk als zij binnengekomen waren vertrokken zij een dag later uit de Vetkoperse stad met medeneming van hun gevangenen ².

Tussen 1473 en 1531 schijnen er rond de stad fortificaties te zijn opgetrokken, die echter in het laatstgenoemde jaar door de heen en weer golvende gevechten tussen de keizerlijke en Gelderse troepen zeer geleden hadden. Toen de stad in 1531 definitief in handen van Karel V was gekomen, wilde diens stadhouder Schenck van Toutenburg Dokkum van nieuwe fortificaties voorzien „om te beletten dat die Geldersche welcke noch binnen Groninghen waren door de Ommelanden in Oostergoo ende den vors. steden niet invallen soudē” ³. De keizer was een andere mening toegedaan en hij beval om alle verdedigingswerken van Dokkum en Sloten af te breken.

De Spaanse kolonel Caspar de Robles voorzag de stad in 1572 van wallen en tenminste één bastion. De mededelingen die Winsemius daarover doet worden bevestigd door een ooggetuigeverslag dat de medicus Dr. Henricus Bra van de in dat jaar te Dokkum plaatsgevonden hebbende Waalse furie heeft gegeven ⁴. Hij verhaalt daarin hoe de burgers in allerijl hebben getracht om wallen en bastion te versterken om zich veilig te stellen voor de naderende Spaanse troepen.

In 1580 veroverde de Graaf van Hohenlohe Dokkum voor de Prins van Oranje. Het was nu zaak om de stad te beveiligen tegen de zich in de nabijheid ophoudende troepen van Rennenberg en daarom ontbood hij „enige boeren om het steedeken vast te maken” ⁵. Er is waarschijnlijk niet veel van het werk terecht gekomen want een jaar later namen de Staten van Friesland de zaak ter hand. Men ging nu met grote voortvarendheid te werk en reeds op 7 april 1581 keurde Prins Willem in Harlingen de plannen voor de bevestiging van die stad en Dokkum goed. Op 15 april vaardigde het stadsbestuur van Dokkum de burgemeesters Sjoerd Vrielsma en Herman Jacobs naar Leeuwarden af om met Gedeputeerde Staten te

spreeken over de aanbesteding van het werk „opdat de Stadt van Dockum in alder ijlen en op 't spoedich gefortificeert zal worden” ⁶. De gedeputeerden Jelger van Feijtsma en Douwe van Sijrxma reisden een paar dagen later naar de stad om „aldaer affmetinge te doen van de parcken (gedeelten) ende uytdeling te doen onder de grietenijen tot dye befestinge van Dockum” ⁷. Behalve inwoners van de omliggende grietenijen hebben ook een aantal Hollanders aan de werkzaamheden deelgenomen.

Blijkens een aantekening in het resolutieboek van Gedeputeerde Staten schijnen laatstgenoemden door de Staten betaald te zijn. In de resolutie van 24 mei 1581 kreeg de Dokkumer burger Tziebbe Jelgers opdracht om „de Hollanders te Dockum dye het darde park aengenomen hebben” van geld en proviand te voorzien. Voorts schijnt een groot deel van de kosten van de fortificatie van Stavoren, Sloten en Dokkum door de aangrenzende grietenijen betaald te zijn ⁸. Dit alles betreft de werkzaamheden van de jaren 1581 en '82. Daarna heeft Dokkum de voltooiing van zijn vestingwerken uit eigen middelen betaald.

De plannen van 1581 zijn bewaard gebleven in het resolutieboek van Dokkum, waarin op 13 mei 1581 werden ingeschreven de „articulen ende besteck waerop Zijn Genade ende Gedeputeerde Staten van Vrieslandt willen besteden ende verpachten die nyewe grachten ende bolwercken der Stadt Doccum.” Uit dat stuk weten wij, dat de verdedigingswerken van aarde waren opgetrokken tot een hoogte van 18 voet. De breedte van de wallen bedroeg aan de onderzijde 34 en aan de kruin 18 voet. Voor de dwingers waren die afmetingen resp. 44 en 26 voet. Een 8 voet breed pad zou de wallen scheiden van de 80 voet brede en 6 voet diepe gracht. Dat men de werkzaamheden „in alder ijlen” uit wilde voeren blijkt wel uit de bepaling dat alles binnen de tijd van zes weken gereed zou moeten zijn.

Winsemius meldt in dat verband dat „de werckluyden vuyrich in hare arbeyd ende het stercken van de vors. Stede geweest zijn, dat zij den Wal tot aen de Borstweeringe van den thienden Julij af tot den eersten Octobris toe geheelijcken ophemaect hebben” ⁹.

Waarschijnlijk heeft men zich toen beperkt tot het treffen van de meest noodzakelijke voorzieningen, want uit het register van betalingsordonnanties van Dokkum ¹⁰ weten wij dat men aan de fortificatie van de stad minstens tot 1590 voortdurend heeft gewerkt. Helaas begint het register eerst in 1585, zodat wij over de periode 1582–'84 niet over gegevens beschikken. In 1586 was men nog volop bezig met het verhogen en afwerken van de verdedigingswerken rond de gehele stad. Enige duizenden karrevrachten aarde en kiezelsteen werden door Taecke Gerbrensz, Johannes Harmensz. en anderen in dat tijdsbestek verwerkt. Het transport van één wagen aarde leverde hun gemiddeld iets minder dan één stuiver op. In 1589 had men met tegenslag te kampen toen een deel van het bolwerk bij de Driepijpster brug instortte. Feycke Hobbes „met zijn consorten” hadden het „uytgevalen bolwerck” echter al weer spoedig hersteld.


Het ordonnantieregister geeft ons ook uitsluitsel over het aanzien van de fortificaties. De met graszoden beklede wallen waren op de kruin voorzien van haagdoorn en essen en aan de voet van de vestingwerken begon Egbert Pietersz. van Bergum in 1587 met de aanplant van wilgebomen. In 1589 was men met de werkzaamheden zover gevorderd, dat de magistraat voor het onderhoud van de beplantingen een vaste gardenier in dienst nam tegen „een jaargeld”.

In het stadsarchief van Dokkum vinden wij na 1590 nog slechts gegevens betreffende het normale onderhoud van de verdedigingswerken. Op den duur is men dat waarschijnlijk wat gaan verwaarlozen, want in 1665 gaf de magistraat met het oog op de onzekere tijden last om de stad weer in behoorlijke staat van verdediging te brengen. In het resolutieboek van de stad vinden wij daarover aangetekend, dat men „eerstelijck (diende) te repareren de Stadts wallen met borstweeringen van dien, voorts de beddingen ende affuyten van 't canon met sijn vordere toebehooren te verbeeteren ende Stadt versorgen met meerder kruidt, loodt, lonte ende krijsbehoefften”. Van deze plannen is waarschijnlijk weinig terecht gekomen, waaraan de ontspanning door het sluiten van de Triple Alliantie in 1668 wel mede debet zal zijn geweest, want in 1672, het „rampjaar”, tekende de stadssecretaris Radbodus aan dat „seer langsaem wort voortgevaeren met de vordere fortificatie van de Stadt”. Het was nu zaak om Dokkum werkelijk ten spoedigste in staat van tegenweer te brengen en daarom werden de burgemeesters Adolf Gauma en Jan Lolkis Suyderbaen door de magistraat belast met het toezicht op de werken. Of de stad bij die gelegenheid van ravelijnen in het voorterrein werd voorzien zoals de kaart van G. Priorato aangeeft¹¹, is onzeker.

Uit een stadsresolutie van 1709 krijgen wij een indruk van de samenstelling van „stads canon” in dat jaar. Op de dwingers bij de Halvemaansen de Hanspoort bevonden zich twee stukken geschut van ieder negen en één stuk van twaalf pond. De Driepijpsterdwinger was voorzien van één twaalfponder en twee stukken van ieder zeven pond.

In 1672 is de militaire betekenis van de bolwerken achteruitgegaan, zeker in de ogen van de burgerij. In de 18e eeuw komen wij in de resolutieboeken van Dokkum herhaaldelijk verordeningen tegen die het spelen en klootschieten door jongens op de bolwerken verbieden alsmede het daarop laten lopen en grazen van kippen en vee. Ook trachtten verschillende bedrijven telkens weer gedeelten van de vestingwerken voor hun eigen doeleinden in beslag te nemen. Het stadsbestuur ging die pogingen aanvankelijk zoveel mogelijk tegen, zoals de scheepstimmerman Gerlof Andriesz in 1716 moest ondervinden toen hij „al hetgeen op stadts vestingen is gezet en gebouwd binnen acht dagen diende te amoveren”.

Langzamerhand begon de magistraat echter een wat soepeler standpunt in te nemen en stond men tegen betaling aan ingezetenen toe om gedeelten van de wallen te gebruiken. Zo veranderde de functie van de vestingwerken om in de 19e eeuw geheel dienstbaar gemaakt te worden aan



De kaart van Dokkum door J. Smedema (1788). De vestingwallen krijgen langzamerhand een ander karakter.

nijverheid en recreatie. De nijverheid had van oudsher vaste voet op de bolwerken in de vorm van de windmolens die op die daarvoor bij uitstek geschikte plaatsen al eeuwen lang het stadsbeeld hadden gesierd. Toen het gemeentebestuur in 1846 tot sloping van een gedeelte van het bastion bij de Hanspoort over wilde gaan, stelde de Raad als eis, dat „slechts zoo veel zou worden afgegraven als voor de welstand noodig is, zonder dat zulks nadeelig zij tot het eventueel plaatsen van windmolens.” Bij de molens voegden zich in de 18e en 19e eeuw al spoedig touwslagerijen, scheepswerven en in 1858 de gasfabriek. Ook de recreatieve functie kwam steeds meer naar voren. Uit het dagboek van de Dokkumer burgemeester Dr. Feddo Jan van Slooten ¹² weten wij dat zijn Edelachtbare verpozing en afleiding voor zijn dagelijkse beslommeringen placht te zoeken in het maken van een wandelingetje om het bolwerk. Zijn voorbeeld zal ongetwijfeld door velen uit de burgerij zijn nagevolgd.

Het strekt het gemeentebestuur van Dokkum in de 19e eeuw tot eer, dat men steeds heeft getracht om de belangen die industrie en recreatie bij de bolwerken hadden gelijkelijk tot zijn recht te doen komen. Door het laten uitvoeren van beplantingen en restauraties van daarvoor in aanmerking komende gedeelten van de wallen en bastions werden deze voormalige grimmige verdedigingswerken tot een lustoord voor de ingezetenen. Dat men daarbij niet karig was, blijkt wel uit de geldlening van f 12000 die het gemeentebestuur in 1864 aanging „tot het deels herstellen van de wallen waardoor de gemeente veelal in uiterlijk aanzien heeft gewonnen”, zoals burgemeester en wethouders met gepaste trots in hun jaarverslag van dat jaar vermeldde.

Noten

- ¹ E. Verwijs. De oorlogen van Hertog Albrecht van Beieren met de Friezen in de laatste jaren der XIVe eeuw. Utrecht 1869.
- ² G. Hesman. Historisch verhael van het gebeurde tot Doocum zeedert het jaar X tot het jaar 1 . . . toe. H.S.
- ³ P. Winsemius. Chronique ofte historische geschiedenissen van Vrieslandt. Franeker 1622. Bl. 490.
- ⁴ Winsemius, bl. 564 en 566–567.
- ⁵ G. Hesman, zie 2.
- ⁶ Resolutieboek van Gedeputeerde Staten van Friesland. R.A. Leeuwarden.
- ⁷ Idem.
- ⁸ Winsemius, bl. 721.
- ⁹ Idem, bl. 695.
- ¹⁰ Register van betalingsordonnanties. Gemeentearchief Dokkum, Inv. Obreen nr. 215.
- ¹¹ Gualdo Priorato. Schauplatz der Niederlanden. Weren 1673.
- ¹² H. G. van Slooten. Beslommeringen van een Dokkumer Burgervader. In: jierboekje 1956 fan it Genealogysk Wurkforbân fan de Fryske Akademy. Leeuwarden 1957.

As twa kibje hawwe se beide skuld (1664)

J. J. KALMA

Faker as ienris is al de opmerking makke, dat it byld fan de tsjerklike akten iensidich is. De skaedkanten fan it libben wurde al neamd, mar it goede, dat der ek west hat, komt net, alteast to min út de ferve. Yn syn moaije boek oer it tsjerklik libben yn Fryslân tidens de Republyk, dat wy aloan wer yn hannen nimme moatte, seit dr. S. Cuperus, dat it de skyn hat, as soe it optild hawwe fan sûpers, ûnseedlike lju, dieven, rûzjemakkers. Dat is fansels net sa. De Classes en de Synoaden hienen lykwols foaral mei de kweadoggers to meitsjen. Wy kinne noch sa ús bêst dwaen, mar in suver byld is út de akten allinne net to krijen.

Wy neame nou ien biswier, mar de saek is noch yngewikkelder. Wy bouwe ús byld ornaris op út hwat de forslaggen sizze. Dat kin hast net oars. Mar de forhalen binne fansels ek yn oar opsicht slim iensidich. Hwa seit, dat Classis en Synode in objektyf byld jowe fan in misset, dy't bigien is? It is mooglik, dat se dat wol bisocht hawwe, mar koenen se it dêrom wol? Yn oar forbân hawwe wy der op wiisd, dat de „duvelbanner út de Fryske Wâlden”, ds. François Bekius (1726–1803) op groun fan deselde stikken troch dr. Cuperus yn 1914 oars sjoen is as troch H. G. Cannegieter yn 1941 en dat wy him al wer oars sjogge as Cannegieter. Hwat waerd der yn de 17de en 18de ieu frege nei de krekte oarsaek fan b.g. dronkenskap en ûnseedlikens? De feiten waerden sjoen en foroardiele en dêrmei út. Wy witte út de 19de ieu, dat earmoed in greate oarsaek fan drankmisbrûk west hat, mar yn eardere ieuwen wie dat net minder it gefal. Dêrby komt, dat it kwea frij algemien wie en de lju it ek net sa slim founen. Hja kamen inkeld fanwegen as it oer de mâlde skuon roun, d.w.s. faek to let wie.

Der is noch in ding, dêr't wy by de tsjerklike akten rekken mei hâlde moatte. De tsjerklike hearen fregen net nei de krekte oarsaek fan it kwea, mar hja fregen ek net altiten, of hja alle feiten wol wisten. Der wienen hiel hwat lytse doarpkes, dy't frij hwat isolearre leinen en hwat dêr krekt barde wisten feitlik allinne de lju, dy't dêr wennen. Slimmer wie noch, dat de kolleges, dy't rjochtspriken, — likefolle oft it nou de wrâldske magistraten of de tsjerklike machthawwers oanbilanget —, winliken allegearre op it stânpunt stienen, dat goed wie, hwat hja tochten of dienen en dat forkeard wie, hwat fan de „generale lijn” ôfwiek. Der wie ek idelens. De lju wiene o sa op har ponteneur. Cuperus seit fan en ta, dat der ûnder de rjochters guods wienen, dy't likefolle bûter op de holle hienen as de biskuldigen en dochs rjochtsprekke doarsten. Dat net allinne, mar der wie ek clangeast. De lju makken harsels gewichtich. Der waerd

op Classisgearkomsten en sa moai waer spile. It wienen gelegenheden om it der ris fan to nimmen. Dat wisten de Halbertsma's noch yn har tiid. Lju, dy't net meidienen, waerden skoudere. De frjemde einen waerden út it bit jage. Wy sjogge dat by de dûmnys, dy't fan ketterij fortocht waerden, mar noch folle sterker by har, dy't it bistean doarsten, om de mearheit op har forkeardens to wizen, dus de echte prinsipiëlen en de perfektionisten.

Dat it dus o sa nedich is ek de lju sels to hearren, dy't foroardiele waerden, komt klear út by it gefal-Georgius Hasaert út 1664. Cuperus neamt him inkelde kearen en as wy dy auteur leauwe soenen, dan hat de jonge Knypster dûmny in eigenwize rûzjemakker en faeks ek in sûper west, dêr't neat mei to bigjinnen wie en dy't dêrom wol ôfset wurde moast. De koarte biografy yn it „Biografisch woordenboek van protestant-sche Godgeleerden” birêst foar in great part op Cuperus syn útspraken. Allinne wist de skriuwer nei't it liket mear. Hwat by Cuperus net al to klear formulearre is stiet dêr nou posityf: „Hij was daarbij aan den drank verslaafd.” It byld fan Hasaert wie nammers yn de 18de ieu al net folle oars. Jacobus Engelsma seit yn syn „Volglyst van Predikanten van de Classis van de Zevenwouden” (1763) al: „Met dezen (Hasaert) is veel gehaspeld.”

Dat lêste is ek perfoarst wier, mar men soe dan dochs freegje wolle: Hwerom hat der sa'n drokte west? Rûzje kin in gefolch wêze fan in querulant aerd, mar it is ek mooglik, dat der in sterk rjochtsbisef efter sit. It kin in gefolch wêze fan in protesthâlding, dy't torjochte ynnommen wurdt. Der wurdt fan Hasaert sein, dat hy „zich gedroeg, onvatsoenlyk onbeschaemt, aanstotelyk, so in woorden als gestes en gebaren, alle leden classis beschimpende en belachende, ook de oudste dienaren, die van wege de jaren zijne vaders konden wezen, yder syn onwetenheyt en onbedachtzaamheyt verwyttend, tamquam solus sapiens et prudens (as soe hy allinne forstannich en hoeden wêze).” Dat lycht der net om, mar wy wurde wekker, as wy hearre, dat sa'n tsien jier letter in oare Knypster dûmny, de letter forneamde David Flud van Giffen, krekt sokke forwiten kriget to hearren. De âlde hearen fan de Classis, dy't gjinien fan allegearre boppe de midsmjitte útstieken, fielden har noch al en hellen harsels oan inoar op. Hja koenen slim sette, dat sokke jonge oerfljoggers eigen opfettingen hienen en har gesach oantaestten.

It is itselde forskynsel, dêr't Balthasar Bekker al mei to rêdden hie to Easterlittens en yn de dagen fan de Ofskieding oan de iene kant Rinse Posthumus en oan de oare kant de jonge Simon van Velzen. Der is yn 1662-'64 yn de Classis Sawnwâlden net sa sear frege, hwat Hasaert krekt tocht of die. Der wurdt sels sein, dat der op syn lear en libben neat oan to merken wie en dat seit yn dy tiid noch al hwat. Hy woe lykwols net om lyk, hy koe net meisjonge yn it koar en dus moast er fordwine. Hy forsteurde de goede frede.

Wy binne fan bitinken, dat Cuperus en dy't him neiskreaun hawwe

fierstofolle op de tsjerklike bisluten ôfgien binne. Cuperus en it „Biografisch woordenboek” neame beide in boekje, dat Hasaert yn 1664, doe’t er út it amt gien wie, skreaun hat: „De Uytgangh van G. Hasaert uyt het Classis van Sevenwolden...”, Leeuwarden (1664), mar hja hawwe dit boekje, dat op de Provinsiale Bibliotheek fan Fryslân is, net sjoen en yn alle gefallen net lêzen. Faeks hat Cuperus tocht, dat dit boekje, dat by resolúsje fan Deputearre Steaten 23 sept 1664 forbean is, net mear bistie. Om’t hy en oaren dit boekje net sjoen hawwe, is der in byld fan Hasaert ûntstien, dat slim iensidich is, better noch, ûnwier.

Hwat is der winliken bard? Georgius Hasaert, in Fries fan komôf, hie to Utert studearre. It falt op, dat er yn 1649 al ynskreaun is. Men soe tinke kinne oan in studint mei greate theologyske bilangstelling, hwant net earder as yn 1659 kaem er yn syn earste gemeente Nieuw Brongerga of de Knipe, in earne streek tichteby it nijboude Oranjewâld. Hy moat dêr warber west hawwe en hat de achting fan de measten krige. Yn syn boekje komt in attestaesje fan 58 manljuslidmaten foar, dy’t allegearre efter him steane. Wy twivelje net, of dy populariteit hat sommige âldere kollega’s dwerssitten. Dat er theologysk goed by wie makke it net better. De earste jierren gienen lykwols sûnder spul foarby. Mar yn 1662 barde der hwat, dat de saek ynienen foroare. Hasaert doarst it bistean en siz ien fan syn gemeenteleden, Age Broers, dy’t net oer de wei koe mei sommige oare Knypsters, dat dit oars moast. Age rekke fansels. Hy drige dûmny syn biklach to dwaen by grytman Scheltinga en by de Classis. Hasaert sei dêrop: „Dat acht ik niet.” Neffens him hienen de grytman en de Classis net mei de doarpsrûzje to meitsjen en koe sa’n klacht him net deare.

Dêrmei wie lykwols de boat oan. Age praette oer syn saek mei in pear dûmnys út de Classis en dy makken fan de útspraak fan Hasaert hiel hwat oars. Hy soe de Classis net achtsje. Dit wie „gefundenes Fressen”. Nou hienen se hwat, om him fêst to setten. Fan gefolgen, dat by de kommende „censura morum” fan de Classis de lju him geweken namen. Fansels, Hasaert bisocht him to fordigenjen, mar dêr kaem neat fan. Hy moast allinne mar skuld bikenne.

Nou sil men faeks tinke, dat er dit wegere en dêrom oan kant reage waerd. Sa is it lykwols net. Yn de kommende jierren hat er sels oant trije kear ta skuldbilidenis dien. Der hawwe ek lju west, dy’t him oanretten it yn goedens to bisykjen. Hy hat lykwols al bisocht him to fordigenjen. De Classis moat field hawwe, dat hja net sterk stie en hat dêrom aloan Hasaert syn hâlding as in biwiis fan heechmoed sjoen. Sadwaende rekke de jonge dûmny faeks geastlik yn de knoei. Moai wis, dat er senuweftich wurden is en sadwaende ek wol ris to folle sein hat. It wie dúdlik, de lju woenen him hawwe en lyts man meitsje. It falt op, dat wy fan drank-misbrûk neat hearre. As dat der west hie wie it fansels wol opikkere. Ek hearre wy út de stikken, dat syn gemeente yn greate mearheit efter him stie. Wy wiisden al op de list mei 58 nammen, dêr’t 27(!) „sels ghe-

stelde mercken” by binne. Hasaert hat it hegerop bisocht, mar ek dêr krige er gjin stipe. Yn it brief, dat Hasaert ôfprintsje lit yn syn brosjuere, skriuwt in âldere kollega, dy’t sels ek net soun oan de lever wie, dat men as ienling neat begjinne kin tsjin de massa!

Dat docht yn it lêste jier, dat Hasaert dûmny west hat, ek wol bliken. Syn saek komt dan foar de Synoade to Bolswert. Hasaert freget dêr, oft de Synoade him in oare baen jaen kin, b.g. by de Frjentsjerter akademy, dêr’t er him as studint ynskriuwe litten hie. Der kin neat fan komme. Ek freget Hasaert, oft er mei syn gemeente ûnder in oare Classis, dy fan Snits, mei. It is in biwiis, dat de gemeente him net kwyt wol. Ek dit forsyk wurdt wegere. Sa wurdt der ek net tastien, dat froulju in tsjûgenis foar him ôflizze. De frou moat yn de gemeente swije (!). Barberty libbe noch, mar de man, dy’t har formoarde hiet to hawwen, moast by Multatuli hingje en sa wie it hjir ek. Op 18 juny 1664 waerd Hasaert to Bolswert ôfset. Hoe fier de macht fan de Classis gie sjogge wy, as syn apology, dy’t op in rêstige toan skreaun is, mar dy’t de Classis wol yn syn himd set, troch de Deputearre Steaten forbean wurdt.

Wy wolle net sizze, dat Hasaert gjin fouten hawn hat en dat de tsjerke oer alle boegen tokoartsketten is. Fansels, Hasaert wie ek in minske mei wryt en slyt. Hy wist faeks to min fan transigearjen en ploaijen en fan it kompromis. It wurdt taktyk stie nei alle gedachten net yn syn wurdboek. Dit gefal lit ús lykwols al sjen, dat der „something wrotten in the state” wie en dat wy in bytsje oppasse moatte mei de tsjerklike akten. Cuperus neamt Hasaert „loszinnig”, „onbeschaamd” en op groun fan it feit, dat er letter minnist wurden is, „beginselloos”. Dat giet ús fiersto fier. It is wier, de Classis wie ek nei syn „uytgangh” noch net fan him ôf. Mei syn broer Cornelis hat de eardere Knypster dûmny blauboeckjes oan de man brocht, skotsskriften oanslein en in tiidlang in stik propaganda ûntwikkele tsjin de „establishment”, dêr’t dy mear mei as om forlegen wie.

Hasaert, dêr’t faeks mear yn sitten hat as sljochtweiinne, wurdt wei yn de skiednis. Faeks hat er it noch bilibbe, dat D. Flud van Giffen, dy’t in gelikense striid hie to fieren, mar aldergeloks machtige biskermers hie, it yn 1681 woun hat fan de Classis. Dat sil him dan plesier dien hawwe. Mar it probleem, dêr’t Hasaert syn nekke op brutsen hat, bleau bistan. Yn 1860, nei de dea fan Rinse Posthumus, skreau dy syn freon J. H. Halbertsma, dat in forstannich muonts ienris trije wizen lessen joun hie oan syn kollega’s. Posthumus hie him dêr ta syn skea net oan hâlden. Men moast, sa sei de muonts, yn it foarst plak nea kwea sprekke fan mynhear de prior, yn it twad plak moast men syn amt en plicht sa’n bytsje mei de Frânske slach waernimme en, tred, men moast de wrâld nimme lyk as dy is en Roasje soargje litte. Ek Hasaert hie dy gouden regels net genôch achtslein en dat fregen nou krekt de Classishearen. It wienen de minsten net, dy’t de kop dêrfoar hâldden. Ek hawwe hja mear meiholpen, om de tsjerke ta tsjerke to meitsjen as de lju, dêr’t trettjin fan yn in dozyn geane.

Litteratuer

De Uytgangh van G. Hasaert uyt het Classis van Sevenwolden . . . Leeuwarden, (1664).

S. Cuperus — Het kerkelijk leven der Hervormden . . . Leeuwarden, 1916/'20, I, p. 59, 188, 199; II, p. 121.

Biografisch Woordenboek Prot. Godgeleerden III, p. 597—598.

J. Engelsma — Volglyst . . . Leeuwarden, 1763, p. 165—167.

Album Studiosorum Academiae Franekerensis, p. 191 nr. 6570 (1663): Georgius Hasert, Frisius, verbi divini minister, theol. cand.

De Leeuwarder uurwerkmakers en hun werk in het Fries Museum

J. H. LEOPOLD

Hoewel Ottema's boek over de uurwerkmakerij in Friesland¹ nu al meer dan twintig jaar geleden verschenen is wordt het nog steeds, en met recht, als het standaardwerk op dit gebied beschouwd. Maar natuurlijk zijn er sindsdien veel nieuwe gegevens te voorschijn gekomen, en er valt dus langzamerhand wel het een en ander aan te vullen. De bedoeling van dit artikel is om enige kanttekeningen te maken bij het gedeelte over de uurwerkmakerij in Leeuwarden, geïllustreerd aan de hand van uurwerken die in het Fries Museum aanwezig zijn.

Leeuwarden neemt in de geschiedenis van de Friese uurwerkmakerij een speciale plaats in. Ten eerste werden hier veel eerder dan ergens anders in Friesland zakhorloges en kleine kamer-uurwerken gemaakt (de toren-uurwerkmakerij blijft in dit artikel buiten beschouwing). Bovendien schijnt het dat de ontwikkeling van de stoelklok vrijwel geheel voorbij is gegaan aan Leeuwarden, doordat de makers hier, in veel sterkere mate dan elders in Friesland, zich bleven oriënteren op wat er in Holland op hun gebied gebeurde. Want er heeft gedurende de twee eeuwen dat het handwerk hier een zekere bloei had steeds een bijzonder duidelijk verband bestaan tussen Leeuwarden en de steden van Holland.

Dit laatste nu is het punt waar Ottema een belangrijke vergissing maakte. Doordat hij zijn onderzoek uitsluitend tot Friesland beperkte kwam hij tot de onjuiste conclusie dat speciaal de vroege Leeuwarder horlogemakers een op zichzelf staande groep vormden, veel belangrijker dan wat elders in Nederland bestond. In de loop van een onderzoek naar de geschiedenis van de zakhorlogemakerij in Nederland werd het echter steeds duidelijker dat er juist van het begin af een zeer nauw contact bestond tussen de horlogemakers in Leeuwarden en de toonaangevende centra van Holland (vooral Haarlem, later ook Amsterdam); dit verklaart ook hoe het mogelijk was dat de vroege Leeuwarder makers horloges maakten die in stijl en bouw slechts weinig achter liepen bij het werk van hun Hollandse collega's.

De eerste Friese horlogemaker (klein-uurwerkmaker), Wybe Vibrandi, vestigde zich kort voor 1600 in Leeuwarden. Dat is niet veel later dan de twee voornaamste vroege horlogemakers-centra in Nederland, Haarlem en Amsterdam, waar de eerste makers omstreeks 1585–1590 verschijnen. Waarom er vanuit Leeuwarden in de eerste plaats vooral met Haarlem veel contact is geweest is niet zeker, maar een belangrijke factor zal onge-

twijfeld de godsdienst geweest zijn: de Haarlemse makers (de familie Bockelts) waren evenals Vibrandi doopsgezind, terwijl de Amsterdammers (Joost de Beer en de aan hem verwante familie Brant) hervormd waren.

De eerste, en van de vroege makers ook zeker de belangrijkste horlogemaker in Leeuwarden was dus de doopsgezinde Wybe Vibrandi. Over hem is vrij veel bekend, maar helaas is het belangrijkste nog onduidelijk, namelijk waar hij de kunst geleerd heeft. Vibrandi was afkomstig uit Sneek; hij werd omstreeks 1565 geboren en wij weten dat hij in 1590 nog in Sneek was. In dat jaar leende hij een som geld, vermoedelijk om op reis te gaan, want enkele jaren later blijkt hij in Emden te zijn. Hier moet hij enige tijd gewoond hebben: wij weten dat hij jaren later nog vrienden in Emden had. In 1593 leende hij in Emden weer geld; mogelijk is hij toen weer naar een andere plaats vertrokken, maar gedurende de volgende zeven jaar verliezen wij hem uit het oog. Zeker is alleen dat hij in januari 1600 in Leeuwarden woonde, waar hij zich waarschijnlijk kort te voren gevestigd had, en uit de inventaris die hij in dat jaar ter gelegenheid van zijn huwelijk liet maken blijkt dat hij toen een volleerd en zelfstandig werkend horlogemaker was. Dus moet hij vóór 1600 het vak geleerd hebben. Emden was in deze tijd, voor zover wij weten, helemaal geen horlogemakerscentrum, maar onder het grote aantal politieke en godsdienstige vluchtelingen die er zich in de tweede helft van de 16de eeuw voor kortere of langere tijd ophielden kan natuurlijk ook een horlogemaker geweest zijn. Of Vibrandi is na zijn verblijf in Emden inderdaad nog verder getrokken: van zijn vroege werk valt alleen te zeggen dat er vooral Duitse invloed uit spreekt.

In 1600 of kort daarvoor trouwde Vibrandi met Barbara Coerts, die weduwe was van de eveneens doopsgezinde lakenkoopman Jacob Doedes. In 1604 kochten zij een huis aan de Brede Straat bij de Put, waar zij verder gewoond schijnen te hebben. Vibrandi was een belangrijk en invloedrijk burger, die (naar beweerd wordt) zelfs door de Stadhouder soms om advies gevraagd werd; ook zou hij vermaner der doopsgezinden geweest zijn. — In 1634 verhuisde het echtpaar naar Franeker, vermoedelijk omdat Vibrandi besloten was zich terug te trekken; het huis verkocht hij aan zijn zoon, de horlogemaker Jacob Wybrants. De vader wordt het laatst vermeld in 1635.

Op deze Jacob Wybrants zullen wij hierna terugkomen, maar eerst iets over twee stiefzonen van Wybe Vibrandi: Koert Jacobs en Jan Jacobs, zoons van zijn vrouw uit haar eerste huwelijk. Van deze broers is bekend dat in 1620 Koert Jacobs in Leeuwarden was, maar Jan Jacobs verbleef buiten de provincie. Nu is het zo dat in 1618 twee doopsgezinde horlogemakers, Coenraedt Jacobs en Jan Jacobs, in Haarlem werkten, van wie Coenraedt verder niet vermeld wordt, terwijl Jan zich blijvend in Haarlem vestigde en later de familienaam van Leewarden aannam. Wanneer nu

bovendien bekend is dat in het begin van de 17e eeuw een horlogemaker Coenrad Jacobs in Leeuwarden werkte, dan wordt het wel zeer waarschijnlijk dat dit allemaal dezelfde twee mensen zijn. Hoewel dus een absoluut sluitend bewijs nog ontbreekt mag toch worden aangenomen dat Wybe Vibrandi zijn twee stiefzonen, nadat zij eerst in zijn eigen atelier hadden gewerkt, aan het eind van hun leerjaren naar Haarlem stuurde om zich daar verder in het vak te bekwamen. Coenrad Jacobs keerde voor 1620 weer terug naar Leeuwarden, waar hij blijkbaar zijn eigen winkel begon, maar er is verder niets over hem bekend; wellicht is hij jong overleden. Jan Jacobs bleef in Haarlem, waar hij een van de belangrijkste horlogemakers werd. Zoals reeds gezegd nam hij later de familienaam van Leewarden aan; zijn zoon Jacobus trouwde met een dochter van de laatste horlogemaker Bockelts. Tot het eind van de 17e eeuw bleven de van Leeuwarden's, zoals de familie de naam later meestal schreef, de voornaamste horlogemakers van Haarlem.

Om naar Leeuwarden terug te keren: Wybe Vibrandi's eigen zoon, Jacob Wybrants, was eveneens horlogemaker, en nam, zoals wij gezien hebben, in 1634 het huis van zijn ouders over. Vermoedelijk heeft hij dus gewoon het atelier van zijn vader voortgezet; hij wordt het laatst vermeld in 1678. Via zijn stiefbroer bleef hij natuurlijk op de hoogte van wat er in Haarlem zoal gebeurde, en zo is het dan ook niet verbazingwekkend dat zijn werk nogal op het Haarlemse lijkt. — Jacob Wybrants trouwde voor 1634 met Anneke Lamberts Soetemans: mogelijk was zij een dochter van de uurwerkmaker Lambert Lourens (vermeld te Leeuwarden van 1616 tot 1636) en vrijwel zeker was zij geparenteerd aan de Groningse horlogemaker Lambert Soeteman (vermeld te Groningen van 1663 tot 1688).

De horlogemaker Wybrandus Jacobi, met wie Jacob Wybrants in 1670 genoemd wordt, was vrijwel zeker een zoon van hem, maar van deze maker is verder niets bekend en er is ook geen werk van hem aangetroffen.

Naast deze leden van wat men zou kunnen noemen de Vibrandi-clan moeten nog twee vroege Leeuwarder makers genoemd worden.

Ten eerste Joost Silleman. Deze man was een uitstekend horlogemaker, maar als zakenman komt hij minder goed voor den dag. Geboren Amsterdam ca. 1597 vestigde hij zich eerst in die stad, maar raakte in 1634 in moeilijkheden omdat hij een aantal uurwerken, die hij van de horlogemaker Joost Brant ter reparatie had aangenomen, had verpand en gedeeltelijk zelfs verkocht. De zaak werd ten slotte gesust, maar natuurlijk had het avontuur Silleman's naam geen goed gedaan, en waarschijnlijk is hij korte tijd later naar Leeuwarden gekomen. Hier was hij niet veel fortuinlijker: in 1648 is hij uit de stad verdwenen, blijkbaar onder achterlating van de nodige schulden. Wat er nadien van hem is geworden is nog niet aan het licht gekomen.

De laatste man die over het algemeen tot deze groep vroege makers gerekend wordt is Jacob Barritius. Blijkbaar was hij niet, zoals wel verondersteld is, een lid van de aanzienlijke familie Barritius of Bouritius: eigenlijk heette hij Jacob Barres, maar zijn horloges signeerde hij met de verlatijnste versie van zijn naam. Barritius werkte te Leeuwarden zeker sinds 1653. In 1664 echter verkocht hij de helft van de eigendom van het huis waarin hij woonde (wie de andere helft bezat is niet duidelijk), en het is daarom waarschijnlijk dat hij in dat jaar naar Harlingen vertrok. In ieder geval wordt hij in Harlingen vermeld van 1673 tot 1693; hij overleed er vóór 1709. — Deze maker is vooral van belang omdat hij een schakel vormt tussen Leeuwarden en de latere Harlinger horlogemakers (de bekende familie Radsma). Met geen enkele andere plaats werd een dergelijk verband gevonden, en het is daarom interessant op te merken dat Harlingen ook de enige Friese stad naast Leeuwarden is waarvan wij weten dat er behalve klokken ook een beperkte hoeveelheid zakhorloges gemaakt zijn.

Het werk dat de vroege Leeuwarder makers leverden (er zijn van hen alleen zakhorloges bekend) was bepaald niet alleen van lokaal belang. De werken zijn goed gemaakt en fraai afgewerkt, en er schijnt een voorliefde bestaan te hebben voor gecompliceerde wijzerplaten die de maanstand en bovendien de astrologische aspecten van de maan aangaven. In de vroegste exemplaren is soms een klein zonnewijzertje ingebouwd; uit de inventaris van Wybe Vibrandi blijkt trouwens dat deze maker ook grotere instrumenten maakte.

Aan het uiterlijk werd eveneens veel zorg besteed. Er zijn rijk bewerkte kasten bekend van zilver en verguld koper, en ook werden er horloges gemaakt met de onder de rijken van de 17e eeuw zo geliefde kasten van helder bergkristal, waarin men het horlogewerk door het geslepen kristal heen kan zien. Dergelijke kasten van half-edelsteen werden natuurlijk niet door de horlogemakers zelf gemaakt: dat was juwelierswerk. Zo worden in de inventaris van de Leeuwarder goudsmid Minne Sickes in 1648 niet minder dan vijf kristallen kasten voor zakhorloges vermeld.

Van deze vroege Leeuwarder horlogemakers is in het Fries Museum geen werk aanwezig: de weinige horloges die van hen bewaard zijn gebleven liggen voor het grootste deel al lang in andere musea. Van Wybe Vibrandi hebben het Rijksmuseum en het museum Willet-Holthuysen in Amsterdam elk een horloge, en in het Klokkenuuseum te Utrecht zijn er zelfs twee waarvan een met slagwerk. Het enig bekende horloge van Coenrad Jacobs is in het British Museum te Londen. Hetzelfde museum bezit bovendien een horloge met een kristallen kast van Jacob Wybrants; een tweede kristallen horloge van deze maker is in het Metropolitan Museum te New York. De enige twee horloges die van Joost Silleman bewaard schijnen te zijn liggen beide in het Louvre te Parijs. — Wel bezit het Fries Museum een kleine zilveren zak-zonnewijzer van ca. 1650, gesigneerd "J. Van Leeuwarden" (fig. 1). De maker is hoogstwaarschijnlijk (de voorletter J. komt in deze familie vaak voor!) Jacobus van Leewarden, de zoon van Wybe Vibrandi's stiefzoon Jan Jacobs in Haarlem. Het is een eenvoudig maar bijzon-




Fig. 1. Zilveren zak-zonnewijzer door J(acobus) van Leeuwarden.





Fig. 2. Z.g. Haags klokje door Jacobus Nauta, Leeuwaerde.

Fig. 3. Hetzelfde klokje, de wijzerplaat naar buiten gedraaid om het werk te laten zien. Onder het werk en naast de bel kan men het gat in de wijzerplaat zien; op de achterplank van de kast is de gefineerde ster zichtbaar.



der mooi zonnewijzertje; helaas is de opklapbare stijl die de schaduw werpt niet origineel. Onder de eigenlijke zonnewijzer bevindt zich een kompas, waarmee men het instrument precies op het zuiden kan richten. De kast is een gewone horlogekast; op de achterkant is een gecompliceerd monogram gegraveerd bestaande uit de letters FBHORAN, wat op de oorspronkelijke eigenaar zal slaan. De deksel is binnen en buiten gegraveerd met lijsten van steden met hun geografische breedte, want deze kon op de oorspronkelijke stijl ingesteld worden waardoor de zonnewijzer voor verschillende plaatsen geschikt gemaakt kon worden. Merkwaardigerwijs komt in deze lijsten de woonplaats van de maker niet voor, want van de Nederlandse steden worden alleen genoemd Amsterdam, Rotterdam, Dordrecht, Middelburg, Vlissingen, Leeuwarden en Nijmegen. Maar omdat Haarlem op dezelfde breedte ligt als Amsterdam was een speciale vermelding ook niet noodzakelijk.

De vroegste Leeuwarder uurwerkmaker van wie het Fries Museum een stuk heeft is ook de meest beroemde maker van Friesland: *Jacobus Nauta*, een maker wiens werk door weinige tijdgenoten in binnen- en buitenland werd geëvenaard. Over zijn leven zijn wij helaas slecht geïnformeerd.

Yn it begjin fan dit artikel is sein dat it ús binammen om de ynventaris giet. Wy jowe earst omtinken oan de opstelling fan it meubilair. It âlde meubilair is yn 1814 foar it grutste part oerbrocht nei de nije tsjerke. Dêrby is oan de âlde opstelling fêsthâlden: de preekstoel mei it doophek oan de súdkant op twa-tredde fan it westen út; dêr tsjinoer in hearebank; de frouljusbanken dwers op de súdmuorre; de manljusbanken yn it lang en nei efteren omheechrinnend lâns de noardmuorre; lâns de eastmuorre inkelde fakken mei twa banken, wierskynlik foar de tsjerkfâlden en biskate famyljes. Ien en oar is dúdlik to sjen op ôfbylding 1 en 3, makke nei âlde foto's dy't yn tsjerke hingje. Yn 1909 is de opstelling gâns foroare. De preekstoel is forset nei de eastkant, hwerby't it doophek sa opsteld is dat it gjin fjouwerkant mear foarmet, mar dwersuer rint fan de noard- nei de súdmuorre. It bankeplan moast hjirby oanpast wurde en sa binne de lange banken lâns de noardmuorre foroare yn dwersopstelde banken lykas dy al by de súdmuorre stiene. Dêrby binne de snijde sydstikken fan de banken oan de súdkant foar de helte oerbrocht nei de nije banken oan de noardkant. De hearebank hat men yn twaën seage en de beide helten opsteld ûnder it oargel tsjin de westlike sluting; oan wjerskanten fan it paed in pyllder mei in sydskot. Rjocht foar de preekstoel kaem in blok banken yn sté fan de stuollen dy't dêr tofoaren stiene. Fierders hat men ek de greate sarken dy't yn it middenpaed leine, dêr weihelle en tsjin 'e muorre oan set; foar in part yn tsjerke en foar in part yn 'e foartsjerke.

In yntrigearjende fraech, binammen út liturgysk each bisjoen, is hwerom dit allegarre bard is. De notuleboeken fan de tsjerkerie sizze neat oer dizze saek, hoewol't men jin yntinke kin, dat op oanstean fan de tsjerkerie de tsjerkfâlden de saek foroarje litten ha. Yn de oantekens fan de tsjerkfâldijgearkomste fan 29 juny 1908 lêze wy: „De voorzitter deelt nog mede dat hij de vorige week met den architect H. Kramer van Leeuwarden de kerk heeft bezichtigd. De heer Kramer zal eene opgave verstrekken van het houtwerk in de kerk n.l. of het eiken dan wel ander hout is. Hij oordeelde dat het aanzien der kerk zou verbeteren indien het preekgestoelte aan het eind werd geplaatst en de banken werden verplaatst, de grafsteenen zouden ergens anders een plaats kunnen vinden. Een en ander wordt voor kennisgeving aangenomen, terwijl wordt afgesproken om na de hooijng de kerk te Mantgum te gaan bezichtigen, welke een dergelijke restauratie heeft ondergaan”. De opmerking oer

Mantgum docht hwat frjemd oan, hwant dêr is de opstelling krekt net foroare. Wie Kramer it mooglik fan doel? Op 14 septimber „wordt geruimen tijd en veel aandacht gewijd” oan it plan dat Kramer foar de fortimmering makke hat, mar de fâlden komme net ta in bislút en wolle der earst nochris mei de notabelen oer gear. Dat bart op 22 septimber: „Na langdurige besprekingen kunnen allen zich vereenigen om bovengenoemde werken, zooals die op bijgevoegde begrotingen zijn aangegeven te doen uitvoeren”.

Dizze summiere oantekens fortelle ús neat oer de arguminten dy’t de trochslach jown ha by de diskusjes. Der moatte dochs wol wichtige arguminten west ha, hwant de forbouwing koste gâns jild. Hat de architekt de tsjerkfâlden bipraet? Hat it foarbyld fan in oare tsjerke yn ’e omkriten meispile, bygelyks Grou, dêr’t yn 1908 it ynterieur foroare is? Inkelde âldere lju út Raerd fortelden ús dat de dûmny de saek trochset hat. Ds. T. S. van der Ley Wz., dy’t fan 1896 oant 1926 to Raerd stie, wie advisearjend lid fan de tsjerkfâldij. As de measte dûmnys sil hy fan bitinken west hawwe dat it preekjen by de nije opstelling makliker wie as by de âlde. Hy hoegde dan net mear alle kanten út to sjen, mar stie rjocht foar de gemeente. Wis is it net, mar it soe net de earste kear wêze dat in tsjerke-ynterieur op oanstean fan dûmny om dizze reden foroare is.

Nei’t op 22 septimber 1908 it bislút ta de fortimmering nommen is, folgje de ûnderhannelingen mei de timmerlju, dy’t der earst neat foar fiele om it wurk yn deihier út to fieren ûnder taforsjoch fan de architekt en mei in regelmjittich ynfolgen fan leanlisten. Hja wolle it wurk leaver oannimme foar f 3882,—. De tsjerkfâlden jowe lykwols gjin bilies en nei forrin fan tiid wolle de timmerbazen dan wol om lyk. Nei lotsjen mei P. Larooij it wurk útfiere. Op snein 19 septimber 1909 koe de tsjerke wer yn gebrûk nommen wurde.

Neist de timmerlju kamen der ek skilders oan to pas: it gong binammen om it ôfskrabjen fan it ikehout. De brune ferve op preekstoel en banken waard der ôfhelle, wylst it oargelfront syn wite kleur forlear. It lêste hat gjin winstpunt west. Forskate ûnderdielen kamen by de wite kleur better ta har rjocht, bygelyks de muzykynstruminten op de kas, it snijwurk op de balustrade fan de kreaake neist de kas en de drapery-eftige ôfsluting ûnderoan. It waard yn dy dagen moade, om safolle mooglik it natuerlike materiael sjen to litten, sûnder dat de lju har dêrby ôffregen oft dat ek de oarspronklike tastân en dus de bidoeling fan de ûntwerpers en bouwers wie. Alderhanne tsjerken dy’t doe restaurearre binne, hat men oan ’e binnekant ûntpleistere, bygelyks Aldeberkeap.

Noch in tredde foroaring yn it ynterieur fan de Raerder tsjerke yn 1909 freget ús omtinken: it forpleatsen fan de sarken. In ynwenner fan Raerd, dy’t as timmerfeint oan it wurk meidien hat, fortelde dat men altiten oer de tige ûnegale sarken hinne knoffelje moast en dat party minsken dêr har nocht fan hiene. Ek hiene der alris planken oer lein mar dat makke tofolle lawaei as men dêr oerhinne roun. Fierders wie it ek lestiger de sarken lizze to litten doe’t men mear banken yn tsjerke sette woe. De sarken binne tige it oansjen wurdich en mooglik is der tocht dat hja by de nije opstelling tsjin de muorre better ta har rjocht kamen. Mei dat lêste kin men it wol iens wêze.

As wy nou nochris de tastân foar 1909 forgelykje mei dy dêrnei, dan moat de konklúzje wol wêze dat it ynterieur fan de tsjerke der net op foarútgien is. By de âlde tastân wie der mear lykwicht yn de fordieling fan de romte: sintrael stiene de


preekstoel mei it hek en as tsjinwicht de hearebank; de oare banken en stuollen wiene der op harmoanyske wize omhinne skikt. By de hjoeddeiske opstelling is de romte foar in great part fol set mei banken, wylst hek en stoel net goed mear ta har rjocht komme. De hearebank fynt men hast net mear werom. By de âlde tastân wie der in nijsgjirrige ôfwikseling tusken de swiere sarken oer de flier en it boartlike 18de-iesuske doophek dêrnjonken. By de nije opstelling tsjin de muorre oerhearskje de sarken tofolle. De tinteljende ôfwikseling yn it romme ynterieur fan foar 1909 is spitigernôch fiks bidoarn.

Preekstoel en doophek

Troch de nije opstelling komme stoel en hek minder goed ta har rjocht, mar hja foarmje dochs noch in tige geef en weardefol stik houtsnijwurk. Harmoanysk is de ienheit yn forsieringsfoarmen en ôfmjittings tusken stoel en hek. It is de rococo, sa likernôch út it tredde part fan de 18de ieu, dy't hjir foar master opslacht. Wy sjogge binammen by it hek in sierlike dekoraasje mei S-foarmige linen, sawol by de balusters as by de boppelist. Yn hwat strakkere foarm is dizze line ek werom to finen op de panelen fan de stoel. By de bikroanings fan it hek, yn de forsiering fan it doarke en ûnderoan de kûpe fan de stoel is de C-foarmige line tapast. It hek wie net fjouwerkant, mar hie skeane stikken tusken foarstik en sydstikken. Dy skeane stikken binne by de nije opstelling biwarre. Op it doarke binne trije wapenskylden, dêr't de wapens sels ôffike binne.

De foarm fan de preekstoelkûpe is seiskantich. Ek it klankboerd hat rûchwei dy foarm, mar dêrby binne de kanten mear nei bûten útbôge. Op de stilen tusken de panelen blêd- en blomornaminten, útrinnend op in „voluut”foarmige bikroaning. De lessenaer wurdt droegen troch in ingelekopke, de trep hat S-foarmige balusters. Dy foarm is ek werom to finen yn de snijde sydstikken fan it efterskot.

Op de panelen binne allegoaryske frouljusfigueren útsnijd, dy't in fiiftal deugden foarstelle. Op it doarke de Gerjochtichheit mei yn de linkerhân de skealjes en yn de rjochterhân de spegel, it symboal fan de hoedenens. Om't de spegel oer it ginne-rael net in attribút fan de Gerjochtichheit is, kinne wy tinke oan in kombinaasje fan Gerjochtichheit en Hoedenens. Dochts leit troch de skealjes wol de measte klam op de Gerjochtichheit, dy't ek hoeden to wurk gean moat. By de Foarsichtigens soe men earder de slange forwachtsje. De figuer hat gjin blyndoek. Op it twadde paniel is it Leauwe útbylde mei yn de rjochterhân in barnend hert. Har linkerhân rêst op in iepen boek: de bibel. Dit boek leit op in pylder, byld fan de Stânfêstens. Foar de pylder steane de wetstafels. De frou hat op 'e holle de helm fan it Heil, in ûnderdiel fan de geastlike wapenrissing lykas dy yn Efeze 6 biskreaun wurdt. Yn tsjinstelling mei de oare fjouwer stiet dizze figuer op in fuotstik om't it Leauwe de gronslach fan alle oare deugden hjit to wêzen. Op it tredde paniel de Leafde, in frou mei trije bern, dêr't hja de lytste fan oan it boarst hâldt. De fjirde foarstelling is dy fan de Hope mei it anker en om 'e holle de krânse fan de oerwinning. Op it fiifde en lêste paniel is de Frede útsnijd; in frou mei in olivetûke yn de rjochterhân en in dou by har fuotten. Ek hja hat de krânse fan de oerwinning om de holle. De foarm fan de figueren is net botte oertsjûgjend; hja bliuwe hwat tofolle yn it flak binne hwat to roun en dik by búk, earmen en fuotten. It bêst komme nei foaren de



3. It ynterieur fan de tsjerke nei it westen foar 1909.



4. It ynterieur fan de tsjerke nei it westen. Yn 1909 is de hearebank yn twaën seage en oan wjerskanten fan it paed ûnder it oargel set. De wite ferve is doe fan it oargelfront ôfskrabe.

koppen fan Gerjochtichheit, Leafde en Leauwe. Spitigernôch is it net slagge om de kunstner to finen, dy't stoel en hek snijd hat. De rekkenboeken fan de tsjerkfâldij oer de jierren 1763 oant 1777 binne weirekke. De oare boeken út de 18de ieu haw ik neisjoen op de greaterere útjeften, om't it yn it ramt fan dizze stúdzje tofolle tiid ferge dizze folianten folslein troch to lêzen. By dy greaterere posten fine wy mear as ienris útjeften foar „timmerwerk volgens quitantie”, mar gjin lean foar in byldhouwer, lykas ik dat op oare plakken wol yn de tsjerkfâldijboeken tsjinkommen bin. It is net ûnmooglik dat by in op 'en nij en yntensyf trochnimmen fan de boeken út de 18de ieu de namme noch foun wurdt, mar wierskynlik is dat net.

It fierdere meubilair

It oargel is yn 1816 makke foar de nije tsjerke troch J. A. Hillebrands to Ljouwert. Op it front binne gâns muzykynstruminten útsnijd. Op 24 maart 1736 bitelle de tsjerkfâldij 758 car. g. 16 st. en 8 penn. oan Michael Swartsburg foar it fornijen en forgreatsjen fan it oargel. It hjoeddeiske oargel hat dus in foargonger hawn. De âldste meidieling oer in oargel to Raerd datearret út 1659, hwant yn dat jier waerd der al f 20,00 oan de „orgalist” útbitelle. Mooglik is dat 17de-ieuske oargel troch Swartsburg fornijd.

De banken binne forsierd mei rococo-opsetstikken, dy't grif troch de byldhouwer fan stoel en hek makke binne. De „Voorlopige lijst” hat it fierder oer „twee familiebanken (XVIIIb) met overhuiving op gewrongen korinthische zuilen en bekroond door siervazen”. Men kin lykwols better prate fan twa banken, elk mei ien korintyske pylder mei sierstelt. Dy pylders mei fazen hearden foar 1909 ta ien bank. De trije tekstbuorden binne wer op deselde wize bisnijd as stoel en hek.


De koperen kroanen hiene foar 1909 petroaljelampen, ha yn dat jier gasljocht krigen en drage nou elektrysk ljocht. It nachtmieulver bistiet út in beker út 1685 mei de foarstellings fan Leauwe, Hope en Leafde, in beker út 1837, skonken troch J. Schultz, widdou fan Mr. W. Nauta, en twa bekers út 1870. De widdou Nauta hat ek twa sulveren kollekteskalen skonken. Fierders binne der noch twa skalen út 1882. De fjouwer bekers steane by it nachtmieul to pronk op tafel, hwant de gemeente brûkt lytse bekers.

It doopfont bistiet út in koperen skael oan de treppen fan de preekstoel. By de yngong stiet in koperen kollekteskael op in izeren foet.


De greate klok datearret út 1762 en waerd getten troch Johannes Derck to Hoorn. De lytse klok út 1850 hat de oarloch net oerlibbe.

Roubuorden en sarken

Raerd is it haedplak fan Raerderhim en de grytmannen wennen fan âlds op Jongema-state, dêr't allinne it terrein en it poartsje fan oerbleaun binne. De Jongema's, Eysinga's en Heringa's hiene gâns ynfloed yn it doarpslibben, en ek yn de tsjerke. Dat is yn de Raerder tsjerke noch skoan to merkbiten oan de roubuorden en sarken dy't jin op forskate leden fan dizze slachten yndachtich meitsje. Ik wol hjirby graech in koarte list jaen fan dizze buorden en stiennen, sûnder wiidweidige biskriuwing fan de wapens ensfh., om't dat mear it fakwurk foar de genealogen is.



5. De preekstoel út it tredde part fan de 18de ieu mei rococo-ornamintyk en fiif allegoryske frouljusfigueren op de panielen fan de kûpe. Njonken de stoel in tekstboerd út deselde tiid.



6. It doarke yn it doophek mei rococo-forsiering yn S- en C-foarmige linen. De wapens binne fan de skylden ôffike.



7. It twadde paniel fan de preekstoel mei de foarstelling fan it Leauwe: in barnend hert, de helm, de bibel, in pyllder, de wetstafels en in foune-mint.



8. Sark foar Pytter van Eysinga († 16 jan. 1645) en syn frou Fokel van Heringa († 5 maeije 1639).

(Foto's: Liturg. Inst. R.U. Groningen).

Yn it foarste plak de roubuorden:

1 Boerd foar Caecilia van Humalda, frou fan Tjalling Aedo Iohan Heringa van Eijsinga. Hja stoar op 25 juny 1700, âld 41 jier. It is in ienfâldich fjouwerkant boerd mei trijekantige bikroaning. De wapens binne oanbrocht op in swarte eftergroun.

2 Boerd foar Tjalling Aedo Iohan Heringa van Eysinga. Hy stoar yn 1768, âld 47 jier. It is in boerd mei rococo-foarmen. It wapen fan Tjalling en de sechstjin kertierwapens binne wer op in swarte eftergroun set.

3 Boerd foar Cecilia van Sminia, frou fan Tjalling Aedo Johan Heringa van Eysinga. Hja stoar op 12 oktober 1793, âld 76 jier. It boerd is op deselde wize snijd as nr. 2, lykwols hwat rûger fan foarm. It hat gjin kertierwapens.

De beide lêste buorden binne al foar 1881 troch A. H. van Slooten skonken oan it Fries Museum, mar yn 1938 nei Raerd werombrocht.

Yn it twadde plak de sarken yn chronologyske folchoarder:

1 Sark foar Ada Jonghama, stoarn 23 juny 1534. Dizze sark, dy't yn 'e foartsjerke tsjin 'e muorre set is, hat in rânneskrift yn sierlike goatyske minuskels. It middenfjild is forsierd mei renaissance-ornaminten, bygelyks in kop yn in medaillon. De wapens op de skylden op de fjouwer hoeken en yn it midden, binne ôfkappe, mar fierders is de stien frij goed biwarre bleaun. Underoan stiet: „Wie leefter die de doot niet smake sal”.

2 Sark foar Aede Heringa van Jongema (forstoarn 8 maeije 1586), syn frou Anna van Roorda (forstoarn 12 maart 1585) en syn broer Edo van Heringa (forstoarn 31 aug. 1575). Fierders stiet op de stien dat links dêrfan bigroeven binne One Heringa en syn frou Fokel Alwa (1575). Op elke hoeke en yn it midden twa wapens ûnder in helmteken. Ek hjir binne de wapens ôfkappe. Stiet yn 'e foartsjerke tsjin 'e muorre.

3 Sark foar Pytter van Eyssinga, 16 jannewaris 1645 forstoarn (80 jier âld) en syn frou Fokel van Heringa, 5 maeije 1639 forstoarn (73 jier âld). Pytter en Fokel binne libbensgreat ôfbylde. De wapens boppe en njonken de persoanen binne foar in great part ôfkappe, mar noch wol to determinearjen, foaral om't by de measten de namme taheakke is. Oan de ûnderkant twa ingeltsjes, in latynsk gedicht oer de forstoarnen en deadssymboalen. De sark stiet nou tsjin de noardmuorre.

4 Sark foar Tjallingh van Eysingha, forstoarn 22 april 1658, âld 55 jier. Tjallingh is libbensgreat ôfbylde mei syn rjochterhân op in boek. Ingeltsjes drage in doek mei in latynsk gedicht. De wapens oan de kanten binne ôfkappe. It wapen-Van Eysinga oan 'e boppekant is biwarre bleaun. De stien stiet nou tsjin de noardmuorre.

5 Sark foar Tjalling Aedo Johan Heringa van Eysinga, forstoarn 5 july 1768, âld 47 jier, en syn frou Cicilia van Sminia, forstoarn 12 oktober 1793, âld 76 jier. De mânske stien is opsierd mei wapens (ôfkappe), ingeltsjes en deadssymbolyk. De rococo-ornamintyk dy't op de roubuorden fan de beide lju to sjen is, fine wy op har sark werom. De stien stiet tsjin de súdmuorre.

6 Sark foar Schelto Hessel Roorda van Eysinga, forstoarn 8 july 1790, âld 68 jier, en syn frou Catharina Johanna Vegilin van Claerbergen, forstoarn 16 desimber 1762, âld 36 jier. Fierders ek fjouwer fan har bern. De stien mei wapens (ôfkappe), deadssymbolyk en rococo-ornamint stiet nou tsjin de súdmuorre.

Fierders binne yn en by tsjerke en toer noch greате en lytse fragminten fan sarken to finen.

Panorama van Friesland in 1969

1. Archeologie.

In 1969 hebben geen opgravingen plaats gehad, die zich voor een kort overzicht lenen. Daarom willen wij ditmaal wat vermelden over de wijze waarop nu in en betreffende Friesland wordt gewerkt en wat hiermee beoogd wordt.

Regelmatig worden oudheidkundige vondsten gedaan, die zowel in ouderdom en aard sterk uiteenlopen. Incidenteel lijken zij soms niet veel te betekenen; toch dienen zij geregistreerd en bewaard te blijven, want elke vondst draagt bij tot een gedetailleerd beeld van een bepaald verschijnsel. Dit is van veel belang, want lang niet alle „verschijnselen” zijn reeds afdoende verklaard; er valt nog bijzonder veel na te gaan over het waarom en hoe van allerlei culturen, de samenhang, de opkomst en het verdwijnen ervan, de mate van verspreiding, de nawerking, enz., enz.

In de 19de eeuw was een der grootste problemen het maken van een betrouwbare indeling van prehistorische verschijnselen wat betreft hun chronologische opeenvolging. Nog steeds gelden de toen vooral in Scandinafse kringen ontstane benamingen Steentijd, Brons- en IJzertijd, waaruit de visie van de 19de-eeuwse geleerden spreekt.

In de 20ste eeuw slaagde men er niet alleen in deze perioden veel fijner onder te verdelen, maar ook er zeer betrouwbare jaartallen aan te verbinden, o.m. dank zij natuurwetenschappelijke methoden zoals stuifmeel- en C14-onderzoek.

Maar men wil ook graag weten hoe in die perioden werd geleefd, hoe en welke, soms grote gevolgen hebbende contacten konden ontstaan tussen geografisch gezien ver uit elkaar gelegen culturen. Bovendien: welke waren de levensomstandigheden, hoe het landschappelijk milieu? Het verbaast niet dat deze vragen een goede samenwerking deden ontstaan tussen archeoloog, geo-, bio- en zoöloog, geograaf, bodemkundige en ethnoloog.

Juist Friesland is een belangrijk gebied omdat het van zuidoost naar noordwest een bijzonder interessante geologische opbouw vertoont, die wat de bovenste aardlagen betreft in de jongste tienduizenden jaren heeft plaats gehad. Vooral de ligging aan een zee heeft daarbij een belangrijke rol gespeeld.

De na wereldoorlog II uitgevoerde intensieve bodemkartering heeft de ingewikkelde structuur van de Friese bodem aangetoond. Deze structuur ontstond in een tijd dat de Friese gronden regelmatig werden bewoond, zodat er een uitgebreid veld van onderzoek ligt om na te gaan waar, wanneer en onder welke omstandigheden tijdens de verschillende ontstaanfasen in Friesland is geleefd. Een neerslag van een dergelijk onderzoek vindt men in het artikel van prof. dr. H. T. Waterbolk in *Geschiedenis van Friesland*, Drachten, 1968, pp. 13–47. Dit onderzoek is echter nog lang niet voltooid.

De vele ruilverkavelingen die momenteel in uitvoering of voorbereiding zijn, bieden een mooie kans de Friese bodem intensief op oudheidkundige verschijnselen na te speuren. De Cultuurtechnische Dienst en het Provinciaal Bestuur hebben dit ingezien en met hun medewerking is sinds medio 1961 een speciale veldassistent werkzaam, die alle graafwerken nagaat. Het door hem verzamelde wordt zorgvuldig geregistreerd en elke vindplaats op topografische kaarten 1 : 25.000 ingetekend, waarbij zowel de voorlopig vastgestelde ouderdom als de registratie-nummers van de

voorwerpen worden aangegeven. Ook wordt elke vindplaats beschreven, zodat per ruilverkaveling een goed gedocumenteerd „vondstenarchief” ontstaat.

Dit heeft o.m. wat betreft de vuursteenculturen uit de verschillende steentijd-perioden tot verrassende resultaten geleid. Het blijkt nl. dat er een vrij intensieve bewoning heeft plaats gehad op in het Friese merengebied voorkomende zandopduikingen in de periode van 7000—3000 v. Chr. Enkele vindplaatsen wachten nog op nader wetenschappelijk onderzoek, maar nu reeds staat vast dat de daar, vaak min of meer geïsoleerd geleefd hebbende bevolkingsgroepjes op bijzondere wijze in hun levensonderhoud moeten hebben voorzien.

Wij zien ook dat de bewoning in genoemde tijd zich veel verder westwaarts heeft uitgestrekt dan tot nu toe op grond van de vondsten in de Friese Wouden werd aangenomen. Ook krijgen wij een beter inzicht in de vroege bewoningsgeschiedenis van Gaasterland.

In 1969 is ook begonnen met een ruilverkaveling in het Friese kleigebied ten zuiden van Franeker. De verkenningen, gecombineerd met de gegevens van de bodemkartering, leidden ook hier reeds tot het vaststellen van nog niet eerder bekende woonplaatsen uit de tijd van de terpenbouw.

De bewerking en registratie van de vondsten van de veldassistent gebeuren in het Fries Museum, hetgeen een niet geringe belasting van de archeologische afdeling betekent, daar het getal der nieuwe vindplaatsen reeds tot bijna 300 is opgelopen. Vele daarvan vergen meer dan één verkenning en leveren dan telkens weer nieuwe vondsten op. (Men zie ook: *Cultuurtechnisch Tijdschrift* 8, 1969, pp. 282—288.)

Behalve op hetgeen in Friesland zelf gebeurt, willen wij ook wijzen op wat elders geschiedt. In 1969 besteedde R. R. Newell van het Biologisch-Archeologisch Instituut te Groningen veel aandacht aan de in dat jaar aan het Fries Museum in bruikleen afgestane vuurstenen werktuigen-collectie van wijlen de arts J. Siebinga uit Opeinde. Deze collectie, voornamelijk verzameld in het gebied rond De Leijen en momenteel bij de archeologische afdeling in bewerking, werpt een bijzonder licht op de relaties die in de Midden-Steentijd en de Vroege Nieuwe Steentijd tussen verschillende Noordwesteuropese culturen onderling en met die in meer zuidelijk gelegen gebieden tot in het Maasdal bestonden. Deze relaties zijn voornamelijk vastgesteld door overeenkomst in bepaalde typen vuurstenen werktuigen.

Zowel recente vondsten als reeds bestaande verzamelingen kunnen nieuw licht werpen op de archeologie van Friesland. Met het verschijnen van P. C. J. A. Boeles' *Friesland tot de elfde eeuw* in 1951 scheen de beoefening der archeologie een hoogtepunt te hebben bereikt. Wij hopen met de hier slechts aangestipte facetten voldoende te hebben aangetoond, dat zij nu nog springlevend is.

G. ELZINGA

2. Monumentenzorg.

Vele belangrijke gebouwen zijn in de 18e en 19e eeuw verdwenen. Kunnen wij zeggen dat de keus tussen afbraak en restauratie, zoals dr. C. A. van Swigchem het programmatisch stelt in zijn *Fibulaboekje* (1966), in Friesland ten gunste van het laatste uitvalt? Vele belangrijke gebouwen worden inderdaad gerestaureerd, al gaat het langzaam en soms te langzaam. Wij hopen in de komende jaren dit werk in deze kroniek te kunnen begeleiden en een groeifactor daarin te kunnen onderkennen.

Friesland was in 1948 de eerste provincie in Nederland, die een adviescommissie voor de monumentenzorg instelde. Eerst hield deze zich uitsluitend bezig met kerken en torens en met het opstellen van een urgentieplan voor de restauratie daarvan. Tijdens en na de totstandkoming van de monumentenwet (1961) werden de problemen betreffende de monumentenbescherming door de commissie behandeld. Naast openbare

gebouwen en kerken, vragen nu ook woonhuizen, boerderijen en molens de aandacht. Het wettelijke begrip „stads- en dorpsgezicht” richt de aandacht op de structurele restauraties van steden, stedelijke gebieden of dorpen. Moet de monumentenzorg in Friesland, die zich nu beperkt tot een passief volgen van het rijk in de restauraties, niet komen tot een actief beleid ten aanzien van documentatie van verdwijnende monumenten, het bevorderen van structurele restauraties en het kweken van begrip bij de monumentenbezitters?

Harlingen, statistisch de monumentenrijkste stad van Friesland, zag weer vooruitgang komen in het ambitieuze Zoutsloot-project. De restauratie van de walbeschoeiing — met subsidie van Rijk en Provincie, hetgeen nu ook in Leeuwarden zal geschieden — is reeds gereed, nu volgen de woonhuizen, het één na het ander. De *Hein Buisman Stichting* stimuleert hier, wat naar wij hopen ook elders aanstekelijk zal gaan werken. De Stichting kreeg erkenning van zijn werk door de toekenning van een provinciaal subsidie. De restauratie van Zoutsloot 53 kwam gereed, terwijl die van 32-34-36 en 40 begonnen werd. Ook de restauratie van Bildtstraat 21, Lanen 40, Noordijs 21 en Voorstraat 42 en 89 werd voltooid. Een begin werd gemaakt met het herstel van Franeker-eind 30-32 en van het pand Havenplein 14, dat aan de Vereniging Hendrick de Keyser behoort. Wegens verregaande bouwvalligheid zal dit huis geheel gereconstrueerd moeten worden.

Uit *Leeuwarden* kan het gereedkomen der restauratie van Luilekkerland worden gemeld, een rijtje kleine huizen, dat in de onmiddellijke nabijheid van de Grote Kerk qua schaal en situering van belang is. Van de Grote Kerk zouden we ook graag de restauratie aankondigen. De restauratie van De Waag werd uitgevoerd, de aankleding van het inwendige door de bank, die er een kantoor in zal vestigen en de restauratie bekostigde, moet nog voltooid worden. Twee belangrijke restauraties werden in gang gezet: die van het Prinsessehof, waarvan Papingastins nu grotendeels gereed is, en van het Boshuyzen Gasthuis, nabij de Grote Kerk gelegen.

In *Bolsward*, werden twee woonhuizen — Bagijnenstraat 11 en Kerkstraat 32 — gerestaureerd.

Franeker zag ook enkele woonhuisrestauraties gereed komen: Groenmarkt 2-3, Hertog van Saksenlaan 1, Raadhuisplein 5 (eigendom van de Vereniging Hendrick de Keyser) en Zilverstraat 19. De niet zo spectaculaire, maar wel ingrijpende restauratie van een der zijmuren van het planetarium werd tot een goed einde gebracht. Het belangrijkste monumentennieuws uit Franeker is evenwel, dat thans twee van de stinsen tot bouwplaats verheven zijn: het Martenahuis, thans gemeentehuis van Franekera-deel en het Camminghahuis, tot voor kort hotel De Valk en thans bestemd tot bijkantoor van een bank. Toen na onderzoek bleek, dat nog veel van het authentieke gebouw over was, is besloten van nieuwbouw af te zien en te restaureren.

In *Hindeloopen* werd het herstel van het voormalige raadhuis, nu de Hidde Nijland Stichting, eindelijk met kracht ter hand genomen. Nodig is echter een structurele verbetering van de gehele stad. Het unieke en boeiende monument, dat Hindeloopen in zijn totaliteit is, mag niet verloren gaan.

Uit *IJlst* valt tenslotte de restauratie van het pand Eegracht 59-60 te melden. Hier worden momenteel besprekingen gevoerd om tot reconstructie van de binnenstad te komen.

Kerkrestauraties kwamen gereed in Holwerd (N.H., kerk 1776), Dokkum (Martinikerk), Hoorn op Terschelling (N.H. kerk, romaans met wijzigingen in de 14e en 16e eeuw), in Schraard (N.H. kerk, 13e eeuw met oudere toren) en Parrega (N.H. kerk plm. 1300).

Molens. Molenrestauraties nemen in verhouding een belangrijke plaats in en dat is ook wenselijk, om het molenbezit in Friesland in stand te houden. Vier restauraties kwamen gereed, n.l. die van de korenmolen in Burum, de molens van de desbetreffende waterschappen in Kornwerd en Marrum en de korenmolen Zeldenrust op de stadswal van Dokkum. Door de fraaie ligging met uitzicht over het vrije veld is dit nog altijd één van de mooiste stadskorenmolens van ons land.

In 1969 werd met de restauratie van vijf molens begonnen: de korenmolen te Anjum, de molen van de Berlikumer polder te Berlikum, de molen van de polder van Dannus te Ezumazijl, de poldermolen aan de Helomavaart te Oldetrijne en de Ijlbema-molen te Workum. In opdracht van Gedeputeerde Staten zal door de Fryske Akademy en de Vereniging de Hollandsche Molen een Fries Molenboek worden uitgegeven, dat mee zal helpen de kennis omtrent de nog in Friesland aanwezige molens, die juist hier landschappelijk van zo groot belang zijn, te verbreiden.

Rest ons nog de restauratie te melden van enkele *verspreide objecten*. Op Terschelling kwam de restauratie van het pand Zuid 6 te Formerum gereed en in Westterschelling Torenstraat 33. Op Ameland het pand Rixt van Doniaweg 13 te Nes. In Franeker werd sloopvergunning verleend voor de Dongjumerpoortsbrug, die echter in de oude vorm, maar breder wordt herbouwd.

Zonder tot een volledig overzicht van de in 1969 *aangevangen* restauraties te komen moet nog gewezen worden op de R.K. Kerk te St. Nicolaasga, een neogotische kerk, die wellicht als één van de weinige te behouden stijlvoorbeelden zal moeten dienen, wanneer tot sloop van de Bonifatiuskerk te Leeuwarden wordt overgegaan. Het laatste zou te betreuren zijn, maar het behoud van alleen de toren biedt geen aanvaardbaar alternatief, daar hier ten duidelijkste kerk en toren één geheel vormen, helaas zoals alle Cuypers-kerken technisch slecht gebouwd.

Een aanvang werd gemaakt met het herstel van het woonhuis van de boerderij Iousterweg 140 te Oudehaske, de z.g.n. Grevelingsplaats, die destijds met het oog op het veiligstellen van de er in aanwezige interieurs, door tussenkomst van het Fries Genootschap verkocht werd. In het afgelopen jaar werd een hoeveelheid tegels gestolen maar gelukkig teruggevonden bij een Amsterdamse antiquair, zodat ze bij de restauratie weer herplaatst kunnen worden.

Na de winstpunten de verliezen: als consequentie van daarvóór genomen maatregelen vond in 1969 de demping van een deel van Het Vliet te Leeuwarden plaats. In Lemmer werden enkele sloopvergunningen voor monumenten verstrekt ten behoeve van de herstructurering van het centrum.

C. BOSCHMA

3. Tentoonstellingen.

In 1969 telde de Friese tentoonstellingsagenda ongeveer negentig punten. Het aantal moet met enige omzichtigheid worden gehanteerd. Het is niet eenvoudig een sluitend overzicht te krijgen. De hieronder verwerkte gegevens zijn ontleend aan de maandelijkse agenda van het Cultureel Jongeren Paspoort, die de paspoorthouders (jongeren tussen 15 en 22) en verdere belangstellenden (een abonnement op de agenda kost f 4,- per jaar) goede informatie geeft over de culturele uitgaansmogelijkheden in heel Friesland.

Van de negentig tentoonstellingen kan men een aantal min of meer incidenteel noemen. De meerderheid echter maakt deel uit van een aaneengesloten programma, zoals men dat ontmoet in Leeuwarden, Harlingen, Sneek (en in een minder straffe opvolging in Heerenveen en Bakkeveen).

Leeuwarden gaat ver voorop. Het Kunstcentrum Prinsentuin kwam tot 20, Galerie Van Hulsen (waar meer dan één tentoonstelling tegelijkertijd mogelijk is) tot ruim 20. Boekhandel De Tille organiseerde 8 (kleine) exposities en sinds half september doet ook Galerie Klokstraat 8 mee, waar sedert de opening 6 tentoonstellingen genoteerd konden worden.

Het jaar 1969 kon voor Leeuwarden nog geen volledig beeld bieden. Het Prin-

cessehof, waar ook altijd een expositie-cyclus wordt geboden, was wegens verbouwing gesloten. Het Fries Museum moest zijn bijdrage beperken tengevolge van een partiële verbouwing, die dadelijk na de sluiting van de aan Johannes Elsinga gewijde tentoonstelling (ter gelegenheid van zijn 75-ste verjaardag) een aanvang nam. In de loop van het jaar werden er overigens nog tentoonstellingen gewijd aan het geslacht Wiarda en aan Joost Hiddes Halbertsma (van wiens activiteiten men eerder reeds in Grouw kennis had kunnen nemen).

In Sneek hield het Scheepvaartmuseum regelmatig exposities, een achttal over 1969. Harlingen kreeg tien exposities: acht in Galerie Van Hulsen en twee, meer incidenteel dus, in het Hannemahuis. De bibliotheek van Heerenveen en „de Zonneboom” te Bakkeveen organiseerden ieder vijf tentoonstellingen. Daarmee zijn de habitués genoemd. De overige plaatsen reserveren hun activiteiten voor het zomerseizoen. Naar oude traditie (Bolsward wijdde zijn zomertentoonstelling dit jaar aan een collectie uit het deels onttekende Fries Museum) en naar jong gebruik (zoals in het kerkje van Olterterp met drie elkaar opvolgende exposities). Tenslotte waren er de eenmalige tentoonstellingen – in Menaldum, Franeker, Kollum, Joure, Workum en op Terschelling, waar altijd wel één der twee musea op de zomeragenda prijkt. Dokkum vroeg daarbij aandacht voor kerkbouw en -restauratie in noordoostelijk Friesland. Men moet het betreuren, dat aan deze expositie geen verdere verspreiding is gegeven, te meer, omdat roulatie ook in ons gewest een bekend verschijnsel begint te worden.

Het aantal van 90 tentoonstellingen houdt namelijk niet in, dat er 90 verschillende tentoonstellingen te zien waren. Wat Van Hulsen in Leeuwarden exposeerde was (of vroeger of later) ten dele ook in Harlingen tentoongesteld. Enkele exposities van de Prinsentuin gingen op een korte tournee door Friesland. Er waren dus diverse doublures, die men slechts kan toejuichen: sommige tentoonstellingen lenen zich uitstekend voor een spreiding, zoals die door de tentoonstellingsdienst van het Kunstcentrum nagestreefd en steeds meer gerealiseerd wordt.

Roulatie is er in Friesland, onder auspiciën van de reeds genoemde tentoonstellingsdienst, ook in ander opzicht. Er zijn thans 22 bibliotheken betrokken bij de operatie-„Schilderij van de maand”. In de publieke ruimten wordt elke maand een ander schilderij opgehangen, zodat er een ongedwongen contact kan worden gelegd tussen een kunstwerk van vandaag en het publiek. Er is tevens sprake van enige begeleiding – het schilderij is voorzien van een korte omschrijving – en die begeleiding is een punt, dat in het Friese tentoonstellingswezen nog nader aandacht kan krijgen. Er wordt hier en daar wel aan rondleiding gedaan, maar aan informatie van de individuele bezoeker wordt weinig zorg besteed.

Wat is van al deze tentoonstellingen de inhoud? Aan variatie ontbreekt het niet. De expositiebezoeker wordt geïnformeerd over een uiteenlopende reeks hedendaagse uitingen – in keramiek, weeffkunst, edelsmeedkunst en vooral in beeldende kunst uit Friesland, uit de overige gewesten en uit het buitenland (waarvan men, niet uitsluitend, wel voornamelijk grafiek leert kennen) en onder namen als Pop-art, Op-art, Minimal art. Een schaduwzijde van ons tentoonstellingspatroon is, dat het, tengevolge van de beschikbare ruimten, altijd iets van stukwerk heeft. Het is mogelijk het werk van één of van enkele verwante kunstenaars te tonen, maar de ruimte voor een werkelijk overzicht van hedendaagse tendensen in de beeldende kunst ontbreekt in Leeuwarden. Doorgaans tenminste. Een enkele maal kan het Kunstcentrum gebruik maken van een deel van het Pier Pander Museum (en dan is b.v. een overzicht van Utrechtse kunstenaars en van het werk van Friese amateurs mogelijk). Tekort aan ruimte verhindert ook het maken van tentoonstellingen met een overzicht van het nabije verleden. Toch is er behoefte aan dergelijke exposities. Er komen daartoe stellig mogelijkheden in het Prinsessehof en in het Fries Museum. Hoe worden ze benut en zou het niet dienstig zijn, dat de diverse exposerende instanties met elkaar een beleidslijn uitzetten, waarin ieder voor zich zijn aandeel kan invullen?

Valt het accent in de tentoonstellingsruimten op de beeldende kunst van gisteren

en vandaag, andere, eerdere onderwerpen worden niet vergeten. Sneek exposeerde Sneker zilver, een documentaire over Pieter Bruegel en Tibetaanse kunst. Olterterp verraste met een collectie oud-Egyptische kunst. Kollum en Dokkum hielden zich bezig met kerkelijke kunst. Voor een deel waren deze tentoonstellingen 'toevalstreffers', in die zin van het woord, dat de organisatoren een goed gebruik wisten te maken van incidentele mogelijkheden. Maar ook hier lijkt de vraag gepast of er in deze tentoonstellingen niet meer lijn gebracht zou kunnen worden.

In deze rubriek hebben de tentoonstellingen alle, zij het nog weer te weinig aandacht gekregen. In de Friese museumwereld was het in 1969 vrij rustig (al werd er intern in Leeuwarden en in Hindeloopen heel wat vertimmerd). Het voorbereidend werk kwam klaar in Kollum en Lemmer, waar in 1969 de oudheidkamers geopend konden worden. Veel getimmerd werd er ook voor en in de Utrechtse Irenahal, waar de Friese musea op „Musement” een eigen stand verzorgden.

H. KINGMANS

4. Kultuer.

It is fansels in ûnmooglike opjefte in kronyk fan de „kultuer” to jaen, binammen nou't der op it kulturele mêd gâns oan it foroarjen is. De jongeren tinke oars oer in protte saken as de âlderen, de kunstners komme op alle gebieten út har ivoaren tuorren en wolle oparbeidzje mei de amateurs, it ûnderwiis siket nei nije wegen en faek wurdt der sein dat de „éducation permanente” de oplossing foar alles bringe sil. De tiid sil it leare!

In weromsjen op 1969 hwat it kulturele wurk oanbilanget bitsjut it weromsjen op in jier fol fan begjinnende struktuerforoaringsen.

De gedachte dêr't al jierren op wiisd is, ntl. dat der in bettere taekfordieling komme moat tusken de lannelike, provinsiale en pleatslike organen, wint stadichoan fjild, lykas de gedachte dat der mear dwersforbiningen tusken ûnderskate organisasjes komme moatte op alle nivo's.

Op provinsiaal nivo kin der in groeiend oparbeidzjen konstatearre wurde tusken de rieden op ûnderskaet gebiet (kultuer, jongerein, sport), wylst tusken de lannelike oerlizorganen fan dizze provinsiale rieden de kontakten ek tanimme.

Troch dizze groei fan ûnderen op wurdt it mooglik om mienskiplik fanút de ûnderskate provinsjes op kultureel mêd mear ynfloed te krijen yn de gedachten-ûntwikkeling op lannelik nivo, bgl. by it foarmjen fan in „Nationale Culturele Raad”, al sil it noch wol efkes oanhâlde foardat dy ried syn foarm foun hat.

Hwat it Fryske toaniel oanbilanget, hat 1969 in stap foarút west om't de lytse semy-biropsgroepen ré wiene meiinoar op to arbeidzjen yn de toanielstifting Tryater.

De situaasje fan it Fryske toaniel is noch lang net idéaal om't oant nou ta oan de spylders net foldwaende garânsjes jown wurde kinne sadat hja in bistean fine yn har birop. Foar de útbou fan de tael soe it tige winsklik wêze dat de toanielploech fan Tryater ynskeakele waerd by it ûnderwiis. Der soe in taek en in mooglikheit lizze kinne foar de spylders yndividueel en yn groepsforbân, wylst it de hiele muzyske ûntwikkeling op de skoallen to'n goede komme koe.

Hwat it Nederlânske toaniel oanbilanget binne der yn 1969 twa streamingen nei foaren kaem. Yn it rapport dat in kommisje útbrocht hat oan de „Vereniging van Nederlandse Gemeenten” wurdt wiisd op regionale selskippen dy't ûnderling ta útwikseling komme kinne. It soe bitsjutte dat de „Noorder Compagnie” ta in regionaal selskipje útgroeije moatte soe, fan greate en nivo as bygelyks „Theater”.

Der is in oare streaming dy't fan bitinken is dat dy horizontale sprieding fan toaniel troch de „Noorder Compagnie” noch wol efkes wachtsje kin en dat de fertikale

sprieding bilangkriker is. De „Noorder Compagnie” hat ek yn 1969 goed wurk dien mei it spyljen yn in great tal lytse en greater plakken, mar de fraech komt aloan mear nei foaren oft de útbou fan it selskip net hurder gean moat.

Ein 1969 wie it Nederlânske toaniel, alteast yn de greate stêdden, oankaem yn it tiidrek fan de tomatagoaijerij. Miskien dat yn Fryslân in hwat noflikere oplossing foun wurde kin, sawol foar de problemen fan it Nederlânske as it Fryske toaniel. It is wol dúdlik wurden troch de ûnderskate aksjes tsjin de forskillende toanielselskippen, dat binammen de jongere toanielspylders oare wegen gean wolle.

Hwat it amateurtoaniel oanbilanget, hawwe de ûnderskate groepearingen harren foun yn it Provinsiael Sintrum foar it Amateurtoaniel yn Fryslân, mar dêrmei binne fansels noch net alle problemen oplost dêr't ek it amateurtoaniel yn Fryslân mei tangele sit.

De âlde toanielforieningen hawwe faek to lang wachte mei it yn har formidden opnimmen fan jonge minsken dy't op har eigen wize mei toaniel oan 'e gong woene. Sa ûntstiene yn 1969 yn Fryslân fjouwer toaniel-wurkgroepen fan jonge enthousiaste minsken dy't net tawurkje nei in útfiering, sa as soks by fierwei de measte toanielselskippen noch altyd bart, mar dy't meiinoar wurkje oan de mooglikheden by harsels op it mêd fan de dramatyske ekspresje, suver allinne om't hja der forlet fan en nocht oan hawwe.

It giet by dy wurkgroepen ek net allinne mear om dramatyske ekspresje, ek oare ekspresjefoarmen wurde yn har wurkprogram opnommen om't neffens har de sketten tusken al dy forskillende foarmen al to lang yn stân hâlden binne.

De ynfloed fan de jonge minsken, dy't studearje oan de kunstakademy yn Ljouwert, op de byldzjende kunst wurdt aloan greater. Troch de nije ûntwikkeling op de kunstakademy's wurdt der tige folle omtinken jown oan de winsken fan elke studint en is it mooglik dat hja in stúdzjepakket kieze dat it meast oerien komt mei eigen oanliz en bilangstelling. De bilangstelling foar de kunstakademy is de lêste jierren yn Fryslân sa tanommen, dat der ek yn 1969 wer by it regear oanfrege is foar in dei-oplieding.

Troch de bilangstelling foar dramatyske ekspresje en de ynfloed dy't útgiet fan de jonge byldzjende kunstners komt der sa njonkelytsen yn Fryslân in klimaet foar, muzyske sintra. De earste oansetten binne yn in pear plakken bigoun. Lykas sa'n tweintich jier lyn in begjin makke waerd mei muzykskoallen, sa sil der yn de kommende jierren yn Fryslân grif in tal muzyske sintra ûntstean dy't de mooglikheit biede sille ta it bioefenjen, al of net yn kursoarysk forbân, fan alle ekspresjefoarmen dy't der binne.

Hwat de muzyk oanbilanget hat it Frysk Orkest ûnder lieding fan de nije dirigint Libor Pesek in goede start makke en sille de plannen om oer net al to lange tiid it Frysk Orkest in eigen ûnderdak to jaen yn in muzyksintrum yn Ljouwert, it orkest grif stimulearje yn syn wurk.

Spitigernôch kin der yn 1969 net safolle goeds sein wurde oer de ûntwikkeling fan de regionale omrop. De regionale radio hat nou wol in goed ûnderdak, mar it jild om folweardige programs to bringen en út to bouwen is der net. En oer de regionale televisy wurdt troch de ynstânsjes dy't der mear fan sizze koene oant nou ta swiijd.

Yn 1969 is wol de fuortsetting fan de addisionele oplieding foar amtners kulturele saken taret en dêrmei hat dan de Bistjûrsskoalle syn foarstap op de oare provinsjes forcreate. It is al de twadde kursus dy't jown wurdt, wylst yn de oare provinsjes hieltyd noch praet wurdt oer de winsklikheit dat amtners kulturele saken dochs hwat mear eftergroun-ynformaesje hawwe moatte soene om har wurk goed to dwaen.

It is mar in kar út de bûnte kultuurtún dêr't fêste planten en ienjiers-blommen de kleur en fleur oan jowe. De dong foar de ienjiers-blommen soe yn de foarm fan subysdzjes út in eksperimintepot ek yn Fryslân wol hwat mear biskikber komme kinne om't de tiden foroarje en der grif tusken dy ienjiers-blommen hjir en dêr guon sitte dy't it fortsjinje dat de túnman ekstra soarch oan har bisteget.

G. G. FABER—HORNSTRA

5. Tael- en Letterkunde.

A. Algemien

Yn it ramt fan de Halbertsma-bitinking binne yn 1969 in tal útjeften yn boekfoarm forskynd dy't tige bisjen lije kinne. It earste is *Dr. J. H. Halbertsma, brekker en bouwder* (Laverman, 368 pp.), in bondel mei 32 bydragen fan 27 skriuwers, dy't allegear in aspekt fan de geniale Dimter dominy biljochtsje. It boek „*Kent Gij Halbertsma van Deventer?*” (Laverman, 297 pp.) bifettet in samling net-útjowne hss. fan Halbertsma, in bûnt forskaet, biwurke troch en mei oantekeningen fan J. J. Kalma. Hjir slút by oan in dokumintair fotoboek *Dr. J. H. Halbertsma (1789–1868)* (Frysk Letterkundich Museum/Halbertsma Komité, 49 pp.), mei in ryk forskaet fan foto's mei byskriften oer libben, wurk en formidden fan de auteur. It wurk is nr. 2 fan de rige *Skriuwers yn byld*.

Wichtich foar de dokumintaesje fan de posysje fan it Frysk hjoed-de-dei is it wurk fan drs. L. Pietersen *De Friezen en hun taal, een onderzoek naar de lees- en spreekgewoonten in Friesland en naar de houding ten aanzien van het Fries* (Laverman, 153 pp.). It boek is de delslach fan in wittenskiplike enquête, hâlden yn 1967 ûnder pln. 800 persoanen fan 12 jier en âlder. It sifermateriael is tige oersichtlik forarbeide en jowt in goed ynsjoch yn de telforhâldingen.

In sawol tael- as letterkundich karakter hat ek de bondel *Studia Frisica, in memoriam prof. dr. K. Fokkema 1898–1967 scripta* (Wolters/Noordhoff, 250 pp.). Oarspronklik bidoeld as eareblyk by prof. Fokkema's 70e jierdei, is troch it forstjerren fan dizze warbere filolooch dit boek in posthume earekrânse wurden, gearstald troch 31 meiwurkers. Der is in weardefolle bibliografy (180 nummers) fan de heechlearaer oan tafoege en in libbensbiskriuwing.

In nijsgjirrich en hânsom boekje binammen foar útlanners is de stúdzje fan Bo Sjölin *Einführung in das Friesische* (J. B. Metzlersche Verlagsbuchhandlung, Stuttgart, 76 pp.), hweryn't de skriuwer ynsjoch jowt yn it Aldfrysk, mar ek yn „die modernen Mundarten” fan it Frysk fan West, East en Noard en teffens bihannelet de stân fan saken op literair terrein. Literatueropjeften helpe de lêzer fierder op paed.

Op bibliografysk mêd binne to neamen: *Oepke Santema 65* (Fr. Academy, 39 pp.) mei in biografyske skets (mr. K. de Vries) en in bibliografyske list (Bauke van der Veen) oer libben en wurk fan dizze nou pensionearre PB-amtner en „sneuper”. En fierders *Nôt oan skeaven, ta de 60ste jierdei fan Douwe Annes Tamminga 22 novimber 1969. Mei de rede fan Jo Smit op de bitinkingsdei, in bio- en bibliografy troch J. J. Kalma en in kertiersteat troch drs. J. Visser* (Fryske Academy, 100 pp.).

Ynformatyf is grif ek *Friese taalpolitiek, desiderata betreffende de politiek van de Rijksoverheid t.a.v. de Friese taal en kultuur* (Ried Fryske biweging, 18 pp.), in titel dy't foar himsels sprekt.

B. Taelkunde

De wichtichste útjefte dit jier op filologysk gebiet is sûnder mis *Nei wider kimen*, in kar út de forsprate skriften fan prof. dr. K. Fokkema silger (Wolters/Noordhoff, 398 pp.), mei bihalven in bibliografy ek in koarte libbensbiskriuwing troch F. van Coetsem. Ut de ynhâld blykt dat prof. Fokkema klear wie op mear as ien wapen. Sawol de taelskiednis en de histoaryske taelkunde as de fonyk, de dialektkunde en de namme-kunde binne fortsjintwurdige. In monumintael boek.

